




provinsje fryslân
provincie fryslân 

Taalnota 2025-2028

Fansels Frysk



dêr't en wêr't

dêr't

slacht it werom op eat dat
earder sein is.

wêr't

as it plak ûnbekend is.
Wêr't wy ek hinne sille, de
fabriek wurdt beskild.



Foaropwurd



Achte lêzer,

Foar jo leit de nije taalnota Fansels Frysk.

By it tekenjen fan de Bestjoersôfspraak Fryske taal en kultuer 2024-2028 droech Arjan Hut, ús dichter fan Fryslân, it prachtige gedicht 'Sinneljocht op in muorre yn 'e stêd' foar. It giet oer hoe't er troch dat iene Frysktalige wurd op in muorre yn Ljouwert ta it dichtsjen kaam en dêr syn wurk fan makke hat. 'Myn taal/hat in skerp mes en kleurde fearren, myn taal hat in grutte/bek, in triljend hert.'

It Frysk hat in fanselssprekkend plak yn it libben fan de mearderheid fan de ynwenners fan Fryslân. Bûten de doar is it Frysk lykwols net altyd like sichtber, bygelyks op it wurk of yn de iepenbiere romte. Benammen net at wy Fryslân fergelykje mei oare regio's dy't meartalich binne.

Fansels moatte de Friezen harren memmetaal ek bûten de doar brûke kinne. Bygelyks yn it kontakt mei de oerheid en yn de soarch. Fansels is it fan belang dat alle bern yn Fryslân de Fryske taal leare kinne en dat der oantreklik materiaal is om harren taalfeardigens en lêswille te stimulearjen. Fansels moatte minsken, jong en âld, tagong hawwe ta moaie en goede Frysktalige boeken, films en teäterfoarstellings.

Fansels Frysk. De titel sprekt foar himsels. De kommende jierren sette wy ús wer yn om it Frysk te beskermjen en te befoarderjen. Dat dogge wy mei it Ryk, mei de oare oerheden, mei ynstellings, én mei de ynwenners fan Fryslân. Oft jo no Frysktalich binne, nije Fries, of it Frysk sels net prate, wy nûgje elkenien fan herte út om ús moaie rike taal skitterje te litten. As sinneljocht op in muorre.

Eke Folkerts

Deputearre Taal en taalûnderwiis

Ynhâld

Foaropwurd	3
Ynliding	5
1 Frysk thús	8
2 Frysk yn it ûnderwiis	12
Foarskoalske perioade	13
Primêr en fuortset ûnderwiis	14
Middelber beropsûnderwiis	18
Heger beropsûnderwiis	20
3 Frysk op it wurk en yn it bedriuwslibben	22
4 Frysk yn de frije tiid	24
5 Frysk yn de iepenbiere romte	28
6 Frysk by oerheid, rjochtbank en yn de soarch	30
7 Undersyk nei en foar it Frysk	33
8 Ynternasjonale gearwurking	36
9 Monitoaring en finânsjes	39
Tabel begutting 2025-2028	40
Boarnefermelding	42



Ynlieding

Wy libje yn in meartalige wrâld. Dat is yn Fryslân net oars as op oare plakken. Sa wikselet de jongerein yn Fryslân like maklik fan it Frysk (of ien fan de Fryske streek-talen) nei it Nederlânsk of Ingelsk en wer werom. Talen en kultueren ferbine ús. Meartaligens wurdt gelokkich hieltyd mear as rykdom sjoen. It goed behearskjen fan jins memmetaal helpt by it learen fan oare talen. Wat Fryslân bysûnder makket, is dat it Frysk en it Nederlânsk hjir beide erkend binne as offisjele talen. Dat betsjut dat alles wat foar it Nederlânsk ôfpraat is, ek foar it Frysk jildt. Dêrom fiert de provinsje in aktyf taalbelied en meitsje wy ienris yn 'e fiif jier ek nije ôfspraken mei it Ryk oer it Frysk. Dat dogge wy yn de BFTK: de *Bestjoersôfspraak Fryske Taal en Kultuer*.

Wy sjogge dat it Frysk sûnt de *Wet Gebrûk Fryske Taal (WGFT, 2014)* op in soad mêden winst boekt hat. Bygelyks yn it ûnderwiis, de frije tiid en yn it iepenbier bestjoer. Mei *Lân van Taal*, ûnderdiel fan *Leeuwarden-Fryslân 2018*, en mei *Arcadia (2022)* lieten wy de rykdom fan it Frysk en ús meartalige provinsje sjen. Yn it ramt fan Taalplan Frysk 2030 wurkje wy al sûnt 2021 ta nei in trochgeande learline foar Frysk yn it ûnderwiis. En yn desimber 2022 waard it debat oer de nije BFTK yn de Twadde Keamer yn it Frysk fierd.

Mar wy binne der noch net. Yn it *Bestjoersakkoart Oparbeidzje foar Fryslân 2023-2027* skriuwe wy al dat wy meters meitsje wolle op it mêd fan de Fryske taal om ús lange-termyn doelstellingen te realisearjen. As provinsje binne wy hoeder fan de Fryske taal, of Taalskipper. Foar it fuortbestean fan it Frysk binne net allinnich foldwaande (nije) sprekkers fan belang, it Frysk moat ek sichtber wêze yn ús omjouwing sadat wy it faker brûke. Op in âlderjûn fan de BSO, in gearkomste fan de gemeenteried of in teäterfoarstelling: Friezen soene har frij fiele moatte om it Frysk bûten de doar like maklik te brûken as thús. In lykwaardige posysje makket it ek foar nije Friezen oantrekliker en mear fanselsprekkend om de taal te learen.

Yn *Fansels Frysk* presintearje wy ús ambysjes op it mêd fan taalbelied foar de kommende fjouwer jier. Wy bouwe fierder op de ambysjes út ús foarige beliedsnota, *Nij Poadium (2021-2024)*. Dy nota wie ynspirearre troch Leeuwarden-Fryslân 2018 en ferbûn taal, keunst en erfgoed mei inoar. De ferbining tusken dy beliedsterreinen bliuwt. It Fryske lânskip, ús aktive ferieningslibben en hafabra hearre like bot by Fryslân as de Fryske taal. In eigen taalnota jout ús de kâns om better sjen te litten hokker basis der ûnder ús belied foar Fryske taal en kultuer leit en hoe't wy ús rol de kommende fjouwer jier ynfolje wolle.

De brede basis fan it provinsjaal taalbelied is ynternasjonaal en wetlik fêstlein. Sa stiet bygelyks yn de *Wet Gebrûk Fryske Taal (2014)* dat Ryk en provinsje op grûn fan harren mienskiplike ferantwurdlikheid en soarchplicht foar de Fryske taal en kultuer periodyk ôfspraken meitsje hoe't sy harren ferantwurdlikheid ynfolje. De *Wet Gebrûk Fryske Taal* giet benammen oer it Frysk as bestjoerstaal, Frysk yn it rjochtsferkear en it ynstellen fan in ûnôfhinklik advysorgaan foar it Frysk (DINGtiid). De ynternasjonale ferdrachs-ôfspraken binne lykwols folle breder en dat beneamt de wet ek eksplisyt. Dat giet bygelyks ek om oare foar de Fryske taal en kultuer relevante beliedsmêden, lykas Frysk yn it ûnderwiis (ek fêstlein yn de *Wet op Primair Onderwijs* en *Wet op Voortgezet Onderwijs*), Frysk yn de media, kulturele en ekonomyske aktiviteiten, sosjaal belied en soarch en ynternasjonale útwikseling.

Foar it Frysk binne twa ynternasjonale ôfspraken fan belang: it *Ramtferdrach foar de beskerming fan nasjonale minderheden (2005)*¹ en it *Europeesk Hânfêst foar regionale talen of talen fan minderheden (1996)*². It Europeesk Hânfêst is in ferdrach om regionale talen en talen fan minderheden te beskermjen en te befoarderjen. Net alle talen dy't ûnder it Hânfêst erkend wurde, hawwe deselde status. It Frysk falt ûnder part II en III fan it Hânfêst. Dêrmei hat it de heechste status en is fêstlein dat der 48 konkrete maatregels útwurke wurde moatte foar it beskermjen en befoarderjen fan it Frysk. Dy maatregels geane oer domeinen lykas ûnderwiis, bestjoer en rjochtsferkear, it sosjaal en ekonomysk domein, media, kulturele foarsjennings en ynternasjonale útwikseling. De Ried fan Europa giet ienkear yn de trije jier nei hoe't de maatregels útfierd wurde en slacht ferbetterings foar op plakken dêr't dat nedich is.

Op 8 april 2024 is de sechde *Bestjoersôfspraak Fryske Taal en Kultuer* tekene, de BFTK 2024-2028. Dêryn steane de nije ôfspraken tusken Ryk en provinsje. Yn *Fansels Frysk* nimme wy de ôfspraken út de BFTK as basis en lizze wy benammen út hoe't wy dy ôfspraken op grûn fan ús eigen rol útwurkje sille. Ek jouwe wy oan hokker strukturele en ynsidintele middels wy dêrfoar ynsette sille. De Fryske streektalen falle net ûnder de BFTK. Ek al binne wy dêr net dalik bestjoerlik ferantwurdlik foar, ek de Fryske streektalen hawwe ús omtinken. Sa is it grutste part fan alle subsydzjeregelingen foar it Frysk ek tagonklik foar ynstellings, ûndersikers en makkers dy't har dwaande hâlde mei de Fryske streektalen.

De provinsje kin de ambysjes út de BFTK en dizze taalnota net allinnich realisearje. Wy binne ôfhinklik fan de gearwurking en stipe fan oare oerheden en fan kulturele ynstellings, ûnderwiis- en kennisynstellings, dy't in wichtige rol spylje yn ús taalbelied. De gearwurking tusken provinsje, oerheden en ynstellings rint op in soad plakken al goed (lykas yn *Taalplan Frysk 2030*), en kin op guon plakken noch fierder ferbettere wurde. Dat is ien fan de doelen fan ús bestjoersakkoart: minder jild nei kantoar en mear nei de praktyk.

1 Ramtferdrach foar de beskerming fan nasjonale minderheden (2005). Tekene yn 1995 en ratifisearre yn 2005. Sjoch: <https://wetten.overheid.nl/BWBV0001714/2005-06-01>.

2 Europeesk Hânfêst foar regionale talen of talen fan minderheden (1996). <https://wetten.overheid.nl/BWBV0001223/1998-03-01>.

De haadstikyndieling fan dizze nota folget yn grutte linen de opset fan de BFTK, dy't basearre is op it UNESCO-taalfitaliteitsmodel. Yn haadstik 1 stiet taaloerdracht sintraal. De haadstikken 2 oant en mei 5 geane yn folchoarder oer Frysk yn it ûnderwiis, op it wurk, yn de frije tiid en yn de iepenbiere romte. Haadstik 6 beskriuwt ús ambysjes foar Frysk by de oerheid, de rjochtbank en yn de soarch. Wittenskiplik ûndersyk is de basis fan ús taalbelied. Dy basis wolle wy fuortsterkje, ûnder oare troch nasjonaal en ynternasjonaal better gear te wurkjen, ek op kultureel mêd. Hoe't wy dat krekt dwaan wolle, stiet yn de haadstikken 7 en 8. Yn it lêste haadstik, haadstik 9, geane wy yn op monitoaring, de manier dêr't wy op byhâlde oft wy ús ambysjes helje en hoe't wy eventueel bystjoere, en wurkje wy de finansjele ôfspraken foar de kommende jierren út.



Frysk thús

Fryslân yn 2051

Yn 2051 is it Frysk is te hearren en te finen op hast alle plakken dêr't (oansteande) âlden en bern komme. Ek is der foldwaande ynformaasje en materiaal beskikber foar âlden om thús it Frysk optimaal oan te bieden en is der in provinsjedekkend aanbod oan twatalige berne-opfanglokaasjes. Professionals yn Fryslân dy't mei âlden en jonge bern wurkje binne goed op 'e hichte fan de foardielen fan meartalich grutbringe en ynformearje en stypje âlden aktyf om harren eigen taal te brûken. Sy behearskje sels it Frysk yn alle gefallen passyf.

Yn 2051 wurdearje ynweners fan Fryslân it Frysk posityf. Om goed meidraaie te kinnen yn de Fryske mienskip sjogge ek net-memmetaalsprekkers de foardielen fan it learen fan it Frysk. Elk kin dêr in geskikte kursus foar folgje en dat wurdt op grutte skaal dien.

Ynlieding

Foar it behâld en it befoarderjen fan in taal is it fan belang dat âlden de taal oerdrage op harren bern. Taaloerdracht is binnen it UNESCO-model foar taalfitaliteit de earste en meast wichtige pylder.

Taaloerdracht fan it Frysk op nije generaasjes stiet ûnder druk. Net alle âlden kieze derfoar of slagje deryn om it Frysk oer te dragen op harren bern trochdat it Nederlânsk en Ingelsk mear te finen binne yn de omjouwing fan bern.

De kommende fjouwer jier set de provinsje ekstra yn op it stypjen fan âlden by it oerdragen fan it Frysk op harren bern. Troch aktyf te ynformearjen en it kreëarjen fan in rike Fryske taalomjouwing dêr't bern yn opgroeie wurdt de taalûntwikkeling befoardere en taalferlies tsjingien.

Ynformearje opfieders en soarchferlieners

Alden fan jonge bern kieze al foar't de poppe berne wurdt hokker taal se prate sille mei it bern. It is dêrom wichtich dat âlden al rom foar de berte witte wat de foardielen en mooglikheden fan meartalich grutbringe binne. De ôfrûne jierren hat de provinsje tal fan ynformaasjematerialen en -boarnen ûntwikkelje litten dy't âlden ynformearje en stypje yn harren taalkar en taaloerdracht. Mei help fan (rinnend) ûndersyk nei taaloerdracht wurdt de kommende perioade yn kaart brocht op hokker mominten ynformaasje oan âlden de measte ympakt hat en op hokker wizen dat it bêste dien wurde kin. Bestearde materialen, lykas it Taalkado foar alle âlden dy't berte-oanjerfte dogge, kinne op grûn fan dat ûndersyk oanpast wurde sadat se goed oanslute by it ferlet fan âlden en harren (better) stypje by it oerdragen fan it Frysk. Dêrby wurdt ek rekken holden mei de ferskate taalsituaasjes fan húshâldings lykas folslein Frysktalich, Nederlânsk- en Frysktalich of oarstalich.

De provinsje fynt it fan belang dat professionals dy't yn har wurk te krijen hawwe mei âlden en harren bern goed op de hichte binne fan de foardielen fan meartalich grutbringe. Foar dy groep wurdt de kommende beliedsperioade nij materiaal ûntwikkele. Sa kinne soarchferlieners lykas ferloskundigen, kreamsoarch, húsdokters en meiwurkers fan konsultaasjeburo's en biblioteken âlden aktyf ynformearje en stypje yn harren taalkar en taaloanbod en wurdt it Frysk (mear) sichtber op plakken dêr't âlden mei harren bern komme.

Foar de ûntwikkeling fan it kursusoanbod foar soarchferlieners wurdt gebrûk makke fan bestearde les- en neiskoallingsmateriaal foar (oankommende) pedagogysk meiwurkers en lêskonsulinten. Ek wurdt, yn oparbeidzjen mei de mbû- en hbû-ynstellings yn Fryslân, ûndersocht oft dat oanbod in plak krije kin yn de opliedings ta ferloskundige en kreamfersoarger.

Rike taalomjouwing

Yn de BFTK is de sichtberens fan it Frysk, en dêrmei it tawurkjen nei in rike taalomjouwing, ien fan de wichtige pylders. Mei in rike Fryske taalomjouwing wurdt in omjouwing bedoeld dêr't it Frysk rûnom te hearren en te finen is en folop brûkt wurde kin neist it Nederlânsk en Ingelsk. Dat stimulearret de (meartalige) taalûntwikkeling fan bern en stipet âlden by it oerbringen fan it Frysk.

Fryslân stiet yn de top trije fan provinsjes mei it grutste tal ynwenners mei in beheinde taalfeardigens. Goed lêze en skriuwe kinne is belangryk foar jong en âld om goed meidwaan te kinnen yn de mienskip. It spilet in rol by it ûnderhâlden fan sosjale kontakten, identiteit, de tagong ta foarsjennings, demokrasy en arbeidsmerk. Yn it Fries Leesoffensief wurket de provinsje mei gemeenten, biblioteken, ûnderwiisinstellings en oare partners oan it doel dat oer tsien jier op syn minst 90% fan de ynwenners foldwaande taalfeardich is om goed meidwaan te kinnen yn de mienskip.

Foarlêze is de meast effektive wize om it Frysk op bern oer te dragen en harren taalûntwikkeling te stimulearjen³. Om alle âlden de kâns te jaan om foar te lêzen út Fryske boeken is it fan belang dat der yn biblioteken yn Fryslân in grut, oansprekkend en kwalitatyf heech oanbod oan Frysktalige (foarlês)boeken foar bern beskikber is.

³ Bosma, E. (2017). *Bilingualism and cognition: The acquisition of Frisian and Dutch*. Universiteit van Amsterdam.

De provinsje makket ôfspraken mei de biblioteken yn Fryslân en stipe-organisaasje Fers oer it fergrutsjen fan it oanbod berneboeken en it fergrutsjen fan de sichtberens fan it Frysk. Wêr mooglik wurdt dat yntegrearre yn it Fries Leesoffensief.

Dêrneist wurdt der trochgien mei it organisearjen fan aktiviteiten rjochte op it foarlêzen oan (jonge) bern lykas de *Lês-mar-foar-wiken* en wurde lanlike aktiviteiten foar it befoarderjen fan taalûntwikkeling fan jonge bern keppele oan de meartalige situaasje yn Fryslân (bgl. *BoekStart* en *DBOS: de Bibliotheek op school*).

Net alle âlden kinne it Frysk sels goed foarlêze. Mei materialen en aktiviteiten lykas foarlêsfilmkes, foarlêsmominten yn biblioteken of boekchannels, teäter- en muzyk-foarstellings, wurde ek dy âlden stipe by it oerbringen fan it Frysk.

It is foar harren taalûntjouwing wichtich dat bern yn Fryslân it Frysk op in soad ferskillende plakken tsjinkomme, sawol offline as online. Troch mear Fryske filmkes, spultsjes, ferskes en apps yn it Frysk oan te bieden wurdt de taalûntwikkeling yn it Frysk stimulearre en wurdt it brûken fan it Frysk fanselsprekkender. Yn gearwurking mei ferskate partijen wurdt sjoen nei de mooglikheden foar it kreëarjen fan in grutter multymediaal oanbod, sawol foar bern ûnder de fjouwer jier as foar bern op de basisskoalle.

Twatalige berne-opfang

Mei twatalige berne-opfang wurdt de Fryske taalûntwikkeling fan alle bern boartsjendewei stimulearre. De twatalige berne-opfang is de start fan de trochgeande learline Frysk fan Taalplan Frysk 2030, dêr't yn tawurke wurdt nei in sterk en struktureel oanbod Frysk yn alle ûnderwiissektoaren. Yn *haadstik 2. Frysk yn it ûnderwiis* is mear te lêzen oer it provinsjaal belied oangeande twatalige berne-opfang en oare ûnderwiissektoaren.

De provinsje fynt dat alle âlden yn Fryslân de mooglikheid hawwe moatte om harren bern nei in twatalige opfang te bringen en stribbet der dêrom nei dat 80% fan alle opfanglokaasjes yn Fryslân yn 2028 twatalich is.

In soad âlden bringe de bern nei in gastâlder of nei pakes en beppes. Yn dizze beliedsperiode wurdt der ek ynset op it ynformearjen en bewust meitsjen fan gastâlden en oppaspakes en -beppes fan it belang fan meartalich grutbringe en de rol dy't sy spylje by de taalûntwikkeling en taaloerdracht fan (berns)bern.

Nije ynwenners

Neist taaloerdracht fan âlden op bern is it fan belang dat ek nije ynwenners fan de provinsje stimulearre wurde har de Fryske taal eigen te meitsjen. Troch Frysk ferstean en prate te learen wurdt it foar nije ynwenners makliker om ûnderdiel te wurden fan de Fryske mienskip en sels ek aktyf oan dy mienskip by te dragen.

Dizze beliedsperiode wurdt ekstra ynset op it fasilitearjen en stypjen fan nijkommers by it learen fan de Fryske taal. De provinsje makket ôfspraken mei de gemeenten oer it oanbieden fan ferskate mooglikheden om it Frysk te learen. Sa sil der ien kear yn 't jier in rige taalkursussen oanbean wurde op tagonklike lokaasjes troch it Fryske taalgebiet. Ek fasilitearret de provinsje de ûntwikkeling fan ynnovative (lear)metoaden op basis fan wittenskiplik ûndersyk en de ûntwikkeling fan in taallear-app Nederlânsk-Frysk, mei mooglike útwreidings nei Ingelsk-Frysk, Dútsk-Frysk en Arabysk-Frysk.

Yn it koart: wat binne de resultaten yn 2028?

- Der is oansprekkend materiaal foar (takomstige) âlden, yn ferskate taalsituaasjes, dat harren ynformearret en stipet by de taaloerdracht fan it Frysk.
- Der binne kursussen en materialen foar soarchferlieners (bgl. ferloskundigen, meiwurkers konsultaasjeburo's, húsdokters ensfh.) sadat sy âlden aktyf advisearje en stypje kinne yn harren taalkar en taaloanbod.
- Alle biblioteken hawwe in grut, oansprekkend en kwalitatyf heech oanbod Fryske (foarlês)boeken.
- Der binne mear filmkes, ferskes, spultsjes en apps yn it Frysk foar (jonge) bern om thús te brûken.
- Nijkommers yn 'e provinsje wurde aktyf stipe om it Frysk te learen. It tal nijkommers dat it Frysk leart, nimt dêrtroch ta.



Frysk yn it ûnderwiis

Fryslân yn 2051

Yn 2051 is it leargebiet Fryske taal en kultuer in struktureel en yntegraal ûnderdiel fan it ûnderwiisoanbod yn Fryslân en is it Frysk op alle skoallen te finen en te hearren. Alle bern hawwe de kâns om taalfeardich te wurden yn sawol it Frysk as Nederlânsk en harren optimaal te ûntwikkeljen. De kearn-doelen Fryske taal en kultuer wurde brûkt en oanbean op alle skoallen yn it Fryske taalgebiet en binne ferbûn mei oare leargebieten yn it kurrikulum.

De trochgeande learline Frysk is yn 2051 realisearre; alle bern yn Fryslân krije fan jongs ôf oan it Frysk mei en kinne it leare en brûke oant en mei it (heger) beropsûnderwiis en wittenskiplik ûnderwiis. It persintaazje learlingen mei in beheinde taalfeardigens yn Fryslân is dêrtroch yn 2051 signifikant ôfnommen.

Der binne foldwaande learkrêften, dosinten, pedagogysk meiwurkers en ûnderwiisassistinten mei in foech Frysk dy't bekwaam binne om ûnderwiis te jaan yn de Fryske taal en kultuer. Ek is der foldwaande en oansprekkend materiaal beskikber foar it foarmjaan fan de lessen. De ynspeksje fan it ûnderwiis hâldt tafersjoch op de kwaliteit fan it ûnderwiis yn de Fryske taal en kultuer.

Ynliding

Goed ûnderwiis yn de Fryske taal en kultuer is fan grut belang foar it behâld en fuortsterkjen fan de Fryske taal. It jout alle bern yn Fryslân de kâns om it Frysk te learen en te brûken en diel te nimmen oan de twatalige Fryske maatskippij.

Yn 2021 is der mei Taalplan Frysk 2030 úteinset mei it ferbetterjen fan de posysje fan it Frysk yn alle ûnderwiissektoaren yn Fryslân. De doelstelling fan Taalplan Frysk 2030 is dat yn 2030 alle skoallen yn it primêr ûnderwiis en de ûnderbou fan it fuortset ûnderwiis it Frysk oanbiede neffens de wetlik fêstleine keardoelen Fryske taal en kultuer. Ek yn de oare ûnderwiissektoaren dêr't it Frysk net wetlik ferplichte is, krijt it Frysk in strukturele en stevige posysje. Op dy wize ûntstiet der in trochgeande learline Frysk.

Taalplan Frysk 2030 is in gearwurkingsferbân fan de provinsje mei ferskate taal- en ûnderwiisinstellings. Mei-inoar is der yn de ôfrûne jierren oparbeide oan in fersterke basisynfrastruktuer wêryn't skoallen stipe, begelieding en materiaal krije kinne by it fuortsterkjen fan it oanbod Fryske taal en kultuer.

Yn dizze beliedsperiode bliuwt de 2030-doelstelling ûnfermindere fan krêft en wurdt der trochgien mei it fuortsterkjen fan de posysje fan it Frysk yn alle ûnderwiissektoaren. Alle skoallen kinne dêrby rekkenje op de stipe en begelieding fan alle partijen binnen Taalplan Frysk 2030.

Foarskoalske perioade

Twatalige opfang

Twatalige opfang jout bern de kâns om de Fryske taal bûten de thússituaasje te brûken en te learen. Foar Frysktalige bern fersterket dat de ûntwikkeling fan de thústaal. Ek foar net-memmetaalsprekkers is it goed om betiid yn 'e kunde te kommen mei it Frysk en sa de foardielen mei te krijen fan meartalich opgroeie. De provinsje stribbet dernei dat yn 2028 80% fan de opfanglokaasjes yn Fryslân twatalich is en dat der foar alle bern op fytsôfstân in twatalige lokaasje beskikber is.

It groeie litten fan it tal twatalige lokaasjes freget meiwurking fan en bewustwurding by koepelorganisaasjes en oanbieders fan berne-opfang. Dat besiket de provinsje mei Taalplan Frysk 2030 te befoarderjen troch it lizzen fan kontakten, it oanbieden fan ynformaasje en it organisearjen fan gearkomsten, bygelyks foar gemeenten.

Gemeenten binne ferantwurdlik foar de taalûntwikkeling fan jonge bern yn harren gemeenten en meitsje ôfspraken mei oanbieders oer de berne-opfang yn de gemeente. Der is yn de BFTK ôfpraat dat alle gemeenten yn 2028 ôfspraken makke hawwe mei berne-opfanglokaasjes oer foldwaande twatalige opfang-lokaasjes.

Kwalifisearre meiwurkers

Mear twatalige opfanglokaasjes freget ek mear kwalifisearre pedagogysk meiwurkers. Yn oerlis mei de mbû-ynstellings yn Fryslân wurdt, mei meiwurking fan it praktoraat Friese taal en geletterdheid in de meertalige context en Taalplan Frysk 2030-partners, sjoen nei de mooglikheid om it Frysk en it meartalich grutbringen te boargjen yn de oplieding ta pedagogysk meiwurker en in *Foech Frysk foar pedagogysk meiwurkers* yn te stellen.

Foar meiwurkers dy't al yn de sektor wurkje moat foldwaande en oansprekkende neiskoalling beskikber wêze rjochte op meartaligens en taalfeardigens Frysk. Dat boarget de kwaliteit op de twatalige opfang en soarget foar foldwaande kwalifisearre meiwurkers foar de twatalige opfanglokaasjes. Fia koepelorganisaasjes wurdt neiskoalling oan de meiwurkers oanbean. Yn it oanbod is ek omtinken foar it stypjen en advisearjen fan âlden oangeande meartalich grutbringe en it kreëarjen fan in ryk taaloanbod.

Om meiwurkers op de twatalige lokaasjes te stypjen moat der oansprekkend en kwalitatyf goed materiaal wêze, lykas foarlêsboeken en temamateriaal. De (troch-) ûntwikkeling fan multymediaal materiaal krijt dizze perioade ekstra omtinken. It aktyf brûken fan de Fryske taal troch bern stiet dêryn sintraal.

Yn it koart: wat binne de resultaten yn 2028?

- 80% fan alle berne-opfanglokaasjes yn Fryslân is twatalich.
- Alle gemeenten hawwe ôfspraken makke oangeande twatalige opfang yn harren gemeente.
- Fryske taal en meartalich grutbringe hat in fêst plak yn de oplieding ta pedagogysk meiwurker (*Foech Frysk foar pedagogysk meiwurker*).

Primêr en fuortset ûnderwiis

Trochsette Taalplan Frysk 2030

It Frysk is in ferplichte ûnderdiel fan it primêr en fuortset ûnderwiis op skoallen yn it Fryske taalgebiet (alle Fryske gemeenten útsein de gemeente Weststellingwerf en de Waadeilannen). Dit is fêstlein yn de *Wet op Primair Onderwijs (WPO)* en *Wet op Voortgezet Onderwijs (WVO)*. De keardoelen Fryske taal en kultuer beskriuwe de ynhâld fan it oanbod fan it ûnderwiis yn de Fryske taal en kultuer en binne yn de wet fêstlein.

In fearn fan alle skoallen yn it primêr ûnderwiis Fryslân sit no op in folslein oanbod neffens de hjoeddeiske keardoelen.⁴ Yn 2030 moatte alle skoallen it Frysk oanbiede neffens de wetlik fêststelde keardoelen. Om dat doel te heljen, moat it oanbod Frysk op de skoallen de kommende jierren fuortsterke wurde. Skoalbestjoeren binne eiferantwurdlik foar it oanbod op harren skoallen. Sy wurde de kommende jierren troch de Taalplan Frysk 2030-partners stipe en oantrune om op harren skoallen in sterk ûnderwiisoanbod Fryske taal en kultuer te realisearjen.

Ien fan de doelen fan Taalplan Frysk 2030 is dat der in trochgeande learline ûntstiet sadat learlingen yn Fryslân fan pjut ôf oant it mbû/hbû of wû it Frysk brûke en leare kinne. De trochgeande learline is ien fan de spearpunten yn de BFTK 2024-2028. It giet dêrby sawol om it fuortsterkjen fan de trochgeande learline binnen in ûnderwiissektor as tusken de ferskillende ûnderwiissektoaren.

It Frysk is wetlik ferplichte yn it hiele basisûnderwiis en yn de folsleine ûnderbou fan it fuortset ûnderwiis. Om oan de wetlike ferplichtings te foldwaan, moat it Frysk dus net allinnich oanbean wurde yn de earste klasse, mar ek yn de twadde klasse fan it tmbû en de twadde en tredde klasse fan it hafû/twû.

⁴ Varkevisser, N. A., & Walsweer, A.P. (2023). *It is mei sizzen net te dwaan. 1-mjitting primêr ûnderwiis*. Provinsje Fryslân.

In bettere oansluting en in sterker oanbod soe derfoar soargje moatte dat mear learlingen it Frysk as eksamenfak kieze. Fia Taalplan Frysk 2030 wurde skoallen yn it fuortset ûnderwiis dy't it Frysk noch net as eksamenfak oanbiede stimulearre en stipe om dat wol te oan te bieden. Dat moat derta liede dat oan de ein fan dizze beliedsperioade it tal skoallen dat it Frysk as eksamenfak oanbiedt ferdûbele is.

Foar it spesjaal basisûnderwiis en praktykskoallen jilde deselde wetlike ferplichtings as foar oare skoallen yn it basis- en fuortset ûnderwiis op it mêd fan Fryske taal en kultuer. Omdat dat type ûnderwiis oars is as it reguliere basisûnderwiis en fuortset ûnderwiis wurdt der foar alle skoallen apart sjoen nei de mooglikheden foar it trochûntwikkeljen fan in oanbod Frysk dat past by de learlingen en de skoalle.

Leararen

Foar goed ûnderwiis yn de Fryske taal en kultuer binne betûfte leararen in ûnmisbere skeakel. Yn dizze beliedsperioade komt de klam te lizzen op it oanlûken, it stimulearjen, begelieden en oplieden fan (takomstige) leararen. It Ryk stelt dêr alle jierren in bedrach fan 1,4 miljoen foar beskikber. Yn oparbeidzjen mei de ûnderwiisynstallings, learare-oplieders, Taalplan Frysk 2030-ynstallings en Ryk wurdt de ynset fan dy middels neier útwurke (sjoch ek paragraaf Heger beropsûnderwiis).

Troch nei in A-profyl

Alle skoallen hawwe in skoalstiper dy't mei de skoalle sjocht nei de mooglikheden foar it ferbetterjen fan it oanbod Frysk. As fêst kontaktpersoan fan de skoalle is de skoalstiper de skeakel tusken de skoalle en it grutte ferskaat oan oanbod, aktiviteiten en wurkwizen dy't der binne. De kommende jierren kinne de skoallen rekkenje op de persoanlike begelieding fan de skoalstiper.

De ôfspraken en plannen fan de skoalle om te wurkjen oan it ferbettere oanbod Frysk wurde yn in lochboek fêstlein. Dat jout de mooglikheid de groei fan de skoalle goed by te hâlden en te boargjen. It lochboek kin as neislachwurk brûkt wurde foar de skoalle sels, it skoallebestjoer, Taalplan Frysk 2030-ynstallings, de provinsje en de Ynspeksje fan it ûnderwiis.

Skoallen dy't harren trochûntwikkelje wolle nei in trijetalige of meartalige skoalle kinne dêr begelieding foar krije. Trijetalich ûnderwiis lit sjen hoe't it Frysk yntegrearre wurde kin yn it folsleine kurrikulum, bygelyks troch it te brûken as ynstruksjetaal by oare fakken. Ek foar oare ynhâldlike begelieding foar it realisearjen fan in oanbod Frysk wurdt troch de Taalplan Frysk 2030-ynstallings stipe oanbean.

Neist de skoalstiper en ynhâldlik begelieders fan Taalplan Frysk 2030 binne der in tal oare begelieders en oanbieders dy't kontakten hawwe mei skoallen en de learlingen, lykas lêskonsulinten, stipers fan keunstorganisaasjes en oanbieders fan erfgoed- en natueredukaasje. Yn de kommende beliedsperioade wurdt de gearwurking mei al dy partijen binnen Taalplan Frysk 2030 fuortsterke. Dy gearwurking leit noch mear foar de hân no't de keardoelen breder binne as taal allinne. Troch de keppeling te meitsjen mei oare leargebieten wurdt de posysje fan it leargebiet Fryske taal en kultuer sterker delset yn it ûnderwiisoanbod fan alle skoallen.

De taalkoördinatoaren op skoallen binne it oansprekpunt en de karlûker foar it Fryske taalbelied en it trochûntwikkeljen fan it oanbod. Ek binnen skoalbestjoeren kin de taalkoördinator in oanfiterjende rol nimme, bygelyks as it giet om it opstellen fan taalbelied binnen in bestjoer. De provinsje stimulearret en stipet de groei fan it tal skoallen en skoallebestjoeren mei in taalkoördinator.

Nije keardoelen en eintermen Fryske taal en kultuer

Op dit stuit rint der lanlik in grutte fernijing fan it kurrikulum. Provinsje Fryslân is ferantwurdlik foar de aktualisaasje fan de keardoelen Fryske taal en kultuer. Yn febrewaris 2024 hat Cedin, dy't fan de provinsje de opdracht krigen hat de keardoelen te fernijen, de konseptkeardoelen Fryske taal en kultuer oplevere oan de provinsje. De konseptkeardoelen wurde earst test yn de ûnderwiispraktyk. Begjin 2026 wurde de nije keardoelen Fryske taal en kultuer definityf fêststeld troch Provinsjale Steaten fan Fryslân.

De nije keardoelen Fryske taal en kultuer binne op ynhâld oars as de hjoeddeiske keardoelen út 2006. Ek nimt it tal keardoelen Fryske taal en kultuer ta, lykas ek it gefal is by oare leargebieten. Neist taalfeardigens is der binnen de nije keardoelen Fryske taal en kultuer omtinken foar taalbewustwêzen, taalekspresje en Fryske skiednis, geografy en kultuer.

De keardoelen binne formulearre foar de einfaze fan groep 8 en einfaze ûnderbou fan it fuortset ûnderwiis (2 tmbû en 3 hafû/twû). Om't it Frysk yn alle klassen fan it basisûnderwiis en ûnderbou fuortset ûnderwiis oanbean wurde moat, wurdt der oanslutend op de ûntwikkeling fan de keardoelen in learline ûntwikkele. De learline jout leararen en dosinten hânfetten om de keardoelen ûnderdiel te meitsjen fan harren ûnderwiisoanbod.

Nije keardoelen Fryske taal en kultuer freegje oan de iene kant oanpassings fan it ûnderwiisoanbod troch de skoallen, mar biede tagelyk de mooglikheid om it Frysk in yntegraal en struktureel ûnderdiel te meitsjen fan dat oanbod. De learlingpopulaasje of lokaasje fan de skoalle hoecht dêrby gjin beheining te wêzen. De klam leit op ûntwikkeling en útdaging foar alle learlingen. Mei help fan de skoalstiper en oare ynhâldlik begelieders kinne skoallen de goede stappen sette.

Njonken de wiziging fan de keardoelen Frysk wurde ek de eintermen Frysk aktualisearre. Dat binne de eksamenprogramma's Frysk foar it fuortset ûnderwiis. Oars as de keardoelen Frysk heart it fêststellen fan de eintermen Frysk net ta it foech fan Provinsjale Steaten fan Fryslân. It ûnderwiisfjild yn Fryslân is nau by dy aktualisaasje behelle en der is goede ôfstimming om oansluting mei de keardoelen te garandearjen.

Spesjaal ûnderwiis

Op dat stuit binne der gjin keardoelen Fryske taal en kultuer foar it spesjaal ûnderwiis. Ek yn it spesjaal ûnderwiis is it fan belang dat learlingen de kâns hawwe om it Frysk te learen en te brûken. Nei it fêststellen fan de keardoelen Fryske taal en kultuer foar primêr en fuortset ûnderwiis wurdt dêrom in trajekt yn gong set ta it formulearjen fan keardoelen Fryske taal en kultuer foar it spesjaal ûnderwiis yn Fryslân. Dat wurdt dien yn oparbeidzjen mei skoallen en bestjoeren.

Skoalstipers kinne skoallen yn it spesjaal ûnderwiis helpe by it ûntwikkeljen fan in oanbod Fryske taal en kultuer. Al it beskikbere materiaal, de begelieding en it kursus oanbod is ek beskikber foar skoallen en learkrêften yn it spesjaal ûnderwiis.

2-mjitting

Yn 2016/2017 en 2020/2021 is fan alle skoallen yn kaart brocht hokker keardoelen se oanbiede (NHL-Stenden Hogeschool, 0- en 1-mjitting). Op basis dêrfan hawwe alle skoallen twa kear in Taalplan Frysk-profyl krigen fan Deputearre Steaten fan Fryslân. Yn skoaljier 2025/2026 bringe ûndersikers fan it lektoraat Meertaligheid en Geletterdheid oan de NHL Stenden Hogeschool op 'e nij yn kaart wat it oanbod Frysk op alle skoallen is.

De Taalplan Frysk-profilen binne basearre op de keardoelen Frysk. Mei it aktualisearjen fan de keardoelen Fryske taal en kultuer feroarje ek de Taalplan Frysk-profilen. De nije profilen jouwe dúdlik oan hokker keardoelen Fryske taal en kultuer wol of net oanbean wurde en wêr't de skoalle noch oan wurkje moat.

Deputearre Steaten sille tenei inkeld yn útsûnderlike situaasjes in offisjele ûntheffing ferliene foar it oanbieden fan ien of mear keardoelen Frysk. De beliedsregel foar it krijen fan ûntheffing foar it Frysk wurdt dêrfoar oanpast. Fan alle skoallen yn it Fryske taalgebiet wurdt ferwachte dat se tawurkje nei in folslein aanbod Fryske taal en kultuer yn 2030. Yn regio's dêr't in streektaal yn gebrûk is, kinne skoallen dy't dat winskje de streektaal taheakje oan it ûnderwiisoanbod Fryske taal en kultuer.

Lesmateriaal, metoaden en wurkwizen

Yn skoaljier 2022/2023 hat de provinsje Fryslân de digitale lesmetoaden Frysk *Spoar 8* (pû) en *Searje 36* (fû) fergees beskikber steld foar alle skoallen yn Fryslân. Ek yn dizze beliedsperioade kinne alle skoallen yn it primêr en fuortset ûnderwiis (ynklusyf it spesjaal ûnderwiis) fergees gebrûk meitsje fan de digitale lesmetoaden Frysk. De metoaden befetsje oansprekkend materiaal foar it foarmjaan fan de lessen Fryske taal en kultuer. Skoallen krije begelieding by it optimaal ynsetten fan de metoade yn harren les oanbod. De tydskriften *Tsjil* (pû) en *LinKk* (fû) dy't oanfoljend fysyk lesmateriaal oanbiede bliuwe ek fergees beskikber foar alle skoallen yn Fryslân. De provinsje brûkt foar de finansiering dêrfan it MYF (Materiële Ynstânhâlding Frysk)-jild fan it Ryk.

Neist metoadysk materiaal moat der in aanbod wêze fan meartalige didaktyk en ynspirearjende wurkwizen. Dat soarget foar in breed fariearre aanbod (fysyk en digitaal) mei omtinken foar fernijing en mooglikheden ta differinsjaasje.

Mei it fernijen fan de keardoelen Fryske taal en kultuer moat it besteande lesmateriaal oanpast wurde of nij materiaal ûntwikkele wurde. By de (troch)ûntwikkeling fan materialen is ekstra omtinken foar it stimulearjen fan de taalûntjouwing en lêswille fan alle learlingen yn Fryslân. Taalfeardigens is ien fan de wichtichste betingsten om meidwaan te kinnen yn de hjoeddeiske maatskippij. Troch ekstra oandacht te besteegjen oan taalfeardigens en lêswille ûntstiet in taalfeardige generaasje en rint it persintaazje jongerein dat it risiko rint om beheind taalfeardich te wurden tebek. By de útfiering wurdt oansletten by it *Fries Leesoffensief* en de lanlike en provinsjale oanpak fan beheinde taalfeardigens.

Skoallen yn Fryslân kinne neist it fergees beskikbere lesmateriaal ek rekkenje op (finansjele) stipe fan de provinsje foar it oanskaffen fan oanfoljende lesmaterialen, it folgjen fan neiskoalling en foar (ekstra) lessoeren foar it oanbieden fan it fak Fryske taal en kultuer.

Tafersjoch

It Frysk is ûnderdiel fan it ûndersyksramt fan de Ynspeksje fan it ûnderwiis en wurdt troch de ynspeksje struktureel meinommen yn it tafersjoch by skoallen en bestjoeren yn it Fryske taalgebiet. As in skoalle of bestjoer te min kwaliteit sjen lit oangeande it leargebiet Fryske taal en kultuer of gjin ambysjes of plannen hat om ta in folslein aanbod te groeien neffens de wet, jout de ynspeksje fan it ûnderwiis in reparasjepdracht. Dy wurkwize boarget de kwaliteit, wurket stimulearjend foar skoallen yn Fryslân en draacht dêrmei by oan it ferbetterjen fan de kwaliteit fan it ûnderwiis yn de Fryske taal en kultuer.

Yn it koart: wat binne de resultaten yn 2028?

- Alle skoallen yn it Fryske taalgebiet biede de nije keardoelen Fryske taal en kultuer oan en wurkje ta nei in folslein oanbod yn 2030.
- It tal skoallen dat it Frysk as eksamenfak oanbiedt is ferdûbele.
- Der is in brede oanpak foar it oanlûken, oplieden en stimulearjen fan learkrêften en dosinten Frysk.
- Alle skoalbestjoeren hawwe belied oangeande it leargebiet Fryske taal en kultuer en stjoere harren skoallen aktyf oan.
- Der leit in learline by de nije keardoelen Fryske taal en kultuer.
- Der binne keardoelen Fryske taal en kultuer fêststeld foar it spesjaal ûnderwiis.
- De ynspeksje fan it ûnderwiis hâldt tafersjoch op de kwaliteit fan it ûnderwiis yn de Fryske taal en kultuer, publisearret tema-ûndersiken op dat mêd, en jout wêr't dat nedich is reparasje-opdrachten om de kwaliteit te ferbetterjen.

Middelber beropsûnderwiis

Meartalige mbû's

Studinten fan de mbû-skoallen yn Fryslân libje en studearje yn in meartalige maatskippij. Op it mbû is it oandiel Frysktaligen relatyf grut. Ek nei harren oplieding bliuwe de measte mbû-studinten yn de provinsje te wenjen en te wurkjen. Dêrom is it fan belang dat studinten yn har oplieding goed taret wurde op de Frysktalige beropstekst.

De ôfrûne jierren binne der mei it gearwurkingsferbân *Wy binne mbû* en mei de Taalplan Frysk 2030-partners wichtige stappen set om it Frysk in stevich en struktureel ûnderdiel te meitsjen fan it mbû-ûnderwiis yn Fryslân. Sa waard yn 2021 mei de provinsje it konvenant *Mei-inoar sette wy de skouders ûnder it Frysk* ûndertekene, mei ôfspraken om it Frysk op it mbû te fuortsterkjen.

In groeiend tal opliedings hat omtinken foar de meartalige beropstekst, taalbewustwêzen, taalhâlding en Fryske taalfeardigens. Dat lêste kin sawol yn it basisdiel fan de oplieding (it part fan de oplieding dat foar alle studinten itselde is), it profyldiel as yn it kardiell (de spesjalisasjeromte en frije romte). Omtinken foar Frysk en meartaligens yn de oplieding soarget derfoar dat studinten dy't ôfstudearje dy kennis en kunde meinimme nei harren takomstige wurkplak (sjoch ek *haadstik 3. Frysk op it wurk*).

De kommende beliedsperioade wurdt trochgien mei it ferbinen fan it Frysk mei de ferskate opliedings en folgje mear studinten it kardiell Frysk. Hoe't it Frysk it bêste oanbean wurde kin yn it kurrikulum is útwurke yn it realisasjeplan mbû as ûnderdiel fan Taalplan Frysk 2030. Dat sil fierder útsocht wurde yn it nij op te rjochtsjen praktoraat (sjoch fierderop). Dêrby wurdt ek it ûndersyk fan DINGtiid nei ûnderwiis yn it Frysk op it mbû meinommen. Doelstelling is dat mear studinten de kâns krije har Fryske taalfeardigens út te wreidzjen.

Underwiis yn de Fryske taal en kultuer helpt om learlingen goed ta te rieden op ferfolchûnderwiis en letter op wurk en libben yn de provinsje. It oanbod Fryske taal en kultuer moat dêrom goed oanslute by de kennis en feardigens fan studinten dy't fan it tmbû komme, en oarsom. De gearwurking tusken tmbû en mbû wurdt dêrom trochset.

Praktoraat

Om de mooglikheden ta it fuortsterkjen fan de posysje fan it leargebiet Fryske taal en kultuer binnen it mbû neier te ûndersykjen en ek te boargjen wurdt der yn gearwur-

king mei Taalplan Frysk 2030-partners in praktoraat *Friese taal en geletterdheid in de meertalige context* oprjochte oan de mbû-ynstellings yn Fryslân. Dit sil ûnderdiel útmeitsje fan it al besteande gearwurkingsferbân *Wy binne mbû*. Binnen it praktoraat sil ûndersyk dien wurde nei taalûnderwiis yn it mbû, boarging fan it regionale taal-klimaat en ferbining mei en ferlet fan de regionale arbeidsmerk. Ek wurdt der in keppeling makke mei it *Fries Leesoffensief* om de taalfeardigens fan de studinten te ferbetterjen.

Oplieding pedagogysk meiwurker en ûnderwiisassistint

Om it Frysk yn de foarskoalske sektor goed te boargjen is it nedich dat oankommende professionals goede Fryske taalfeardigens hawwe en op 'e hichte binne fan de foardieljen fan meartalich grutbringe. Underwiisassistinten mei goede Fryske taalfeardigens en kennis fan de Fryske taal en kultuer kinne learkrêften stypje yn it foarmjaan fan harren oanbod Fryske taal en kultuer.

Yn dizze beliedsperiode krijt it Frysk in noch steviger plak yn de oplieding ta *Pedagogysk Meiwurker en Underwiisassistint*. Neist dat it Frysk te folgjen is as kardiël wurdt ek ûndersocht hoe't it Frysk en meartaligens struktureel ûnderdiel wurde kinne fan oare fakken yn it kurrikulum. Dat befoarderet ek de trochstream fan dy studinten nei de pabû dêr't se it *Foech Frysk foar it basisûnderwiis* helje kinne.

Saakkundigensbefoarding

Yn gearwurking mei de ferskate partners binnen Taalplan Frysk 2030 wurdt aktyf wurke oan saakkundigensbefoarding foar dosinten en meiwurkers op de mbû-skoallen. Sa is it fan belang dat by de earste- en twaddegraads oplieding Frysk omtinken komt foar it Frysk ûnderwiis op it mbû en by oare dosinte-opliedings foar mooglikheden om it Frysk te yntegrearjen en te brûken as ynstruksjetaal. Dat befoarderet de ûnderlinge gearwurking tusken mbû-ynstellings en de gearhing yn it oanbod Frysk tusken de ferskillende ûnderwiissektoaren.

Lesmateriaal

It opnimmen fan it Frysk yn it algemiene kurrikulum fan de ferskate opliedings op it mbû freget om nij en oansprekkend materiaal. De ôfrûne jierren is der mei stipe fan it Ryk (MYF foar it mbû) nij (les)materiaal en multymediaal oanbod kommen en binne der aktiviteiten ûntwikkele dy't dosinten brûke kinne foar it stal jaan fan de lessen. Dat oanbod wurdt de kommende jierren, nei ferlet, fierder útwreide.

Yn it koart: wat binne de resultaten yn 2028?

- Alle mbû-studinten hawwe de mooglikheid om harren taalfeardigens Frysk te ferbetterjen.
- It Frysk is in fêst ûnderdiel fan it kurrikulum foar alle studinten op it mêd fan persoanlike en profesjonele ûntwikkeling.
- Alle mbû-ynstellings hawwe taalbelied en meitsje it Frysk sichtberder op harren lokaasjes.
- It oanbod Fryske taal en kultuer slút goed oan by de kennis en feardigens fan studinten dy't fan it tmbû komme.
- Binnen it praktoraat is ûndersyk dien nei de wize wêrop't it Frysk it bêste plak krije kin yn it mbû en de earste resultaten binne ymplemintearre.
- Fryske taal en kultuer hat in fêst plak yn it kurrikulum fan de oplieding ta pedagogysk meiwurker en ûnderwiisassistint.

Heger beropsûnderwiis

Mear leararen

Foar it realisearjen fan de langetermyndoelen fan Taalplan Frysk 2030 en foar de fitaliteit fan it Frysk binne der yn de kommende jierren mear leararen, fristen en oare eksperts op it mêd fan it Frysk nedich.

Dat begjint al mei learkrêften foar it basisûnderwiis dy't ûnderwiis yn de Fryske taal en kultuer op nivo oanbiede kinne. Dêrfoar moatte alle studinten fan de pabû oan de NHL Stenden Hogeschool yn Ljouwert it *Foech Frysk foar it basisûnderwiis* helje. Dat is op B2-nivo. Studinten dy't dat nivo (noch) net helje kinne ôfstudearje mei in start-bekwamens Frysk op B1-nivo.

It is fan belang dat ek bestjoeren wearde hechtsje oan leararen mei in foech Frysk en nije leararen sûnder foech stimulearje binnen fiif jier nei it ôfstudearjen noch it folsleine *Foech Frysk foar it basisûnderwiis* op B2-nivo te heljen.

Om it Frysk yn de folsleine ûnderbou en as eksamenfak oanbiede te kinnen binne der ek mear (earste- en twaddegraads) dosinten Frysk nedich. De earste- en twaddegraads dosinte-opliedingen Frysk binne in ûnmisbere skeakel yn de trochgeande learline. Om mear studinten te ferlieden om in dosinte-oplieding Frysk te kiezen wurdt der ynset op it oanlûken en stimulearjen fan (nije) studinten.

Der wurdt ynset op in groeiende bewustwurding en neiskoalling fan leararen. Foar leararen dy't al yn it ûnderwiis wurkje wurde neiskoallingsprogramma's ûntwikkele en oanbean sadat se it leargebiet Fryske taal en kultuer goed oanbiede kinne of kombinearje kinne mei harren eigen fakgebiet. It leargebiet Fryske taal en kultuer wurdt sa in yntegraal ûnderdiel fan it ûnderwiis yn Fryslân.

Frysk by oare opliedings

Ek by oare hbû-opliedings wurdt sjoen nei de tafoege wearde fan it Frysk en nei de mooglikheden om it Frysk te yntegrearjen yn it ûnderwiisoanbod. Dêrby wurdt gearwurke mei *Wy binne mbû* en oare ûnderwiisinstellings en stipe-organisaasjes. Der is spesifyk omtinken foar it belang fan it Frysk yn de oplieding Journalistiek. Mei in minor Frysk wurdt besocht om mear oanwaaks te kreëarjen fan sjoernalisten dy't it Frysk goed behearskje.

Wittenskiplik ûnderwiis en ûndersyk is essinsjeel foar in fitale Fryske taal en kultuer. It universitêre oanbod Frysk is oant no ta beheind. Yn dizze beliedsperioade wurdt úteinset mei it fuortsterkjen fan de frisistyk. Sa wurde de mooglikheden ta it realisearjen fan in bacheloroplieding Frysk ûndersocht, keppele oan Taalplan Frysk 2030 en de besteande bachelor en master learare-oplieding oan de NHL Stenden Hogeschool. Yn *haadstik 7. Undersyk foar en nei it Frysk* stiet mear ynformaasje oer it wittenskiplik ûndersyk nei it Frysk.

Folwoeksenûnderwiis

Foar elkenien dy't it Frysk (better) leare wol is der in kursus Frysk ferstean, prate, lêze of skriuwe beskikber. De beskikbere kursussen wurde aktyf ûnder de oandacht brocht by alle ynwenners fan de provinsje en by meiwurkers fan oerheidsinstellings. Der wurdt dêrby gearwurke tusken Afûk en de ûnderwiisinstellings NHL Stenden Hogeschool en Rijksuniversiteit Groningen.

Ek foar it bedriuwslibben wurdt in oanbod ûntwikkele dat oanslút op it ferlet fan in beskaat bedriuw of fan in beskate sektor.

Yn it koart: wat binne de resultaten yn 2028?

- Alle pabû-studinten streame út mei it *Foech Frysk foar it basisûnderwiis* op B2-nivo of helje dat binnen fiif jier nei it ôfstudearjen.
- Mear studinten kieze foar de learare-oplieding Frysk.
- Mear learkrêften en dosinten folgje in neiskoallingsprogramma om in foech Frysk te heljen of om de Fryske taal en kultuer te yntegrearjen yn harren eigen fakgebiet.
- De minor Fryske taal en kultuer foar (oankommende) sjoernalisten soarget foar in groeiend tal sjoernalisten dy't oer goede feardigens beskikke en basiskennis hawwe fan de Fryske taal, kultuer en skiednis.
- Der is in kursus foar elkenien dy't it Frysk leare wol yn ferskillende (berops-) konteksten.



Frysk op it wurk en yn it bedriuwslibben

Fryslân yn 2051

It Frysk is fanselsprekkend, sichtber en hat in fêst plak yn de bedriuwsfiering fan bedriuwen yn Fryslân. Friezen fiele harren frij om it Frysk op it wurk te brûken, sawol yn in ynformele as formele setting. Yn alle sektoaren wurdt sjoen dat it brûken fan it Frysk op it wurk yn ferskate konteksten (ekonomyske) foardielen opsmyt.

Ynliding

Om it Frysk in sichtber en fanselsprekkend plak te jaan yn de Fryske mienskip en de taalfataliteit te befoarderjen is it fan belang dat it Frysk ek op it wurk rûnom brûkt wurde kin en te finen is. De kommende beliedsperiode wurdt ynset op in groei fan it tal bedriuwen dat it Frysk in struktureel plak jout yn har bedriuwsfiering, sawol yn de ynterne kommunikaasje mei meiwurkers as nei bûten ta. Dêrby wurdt de fokus lein op bedriuwen dêr't it Frysk neffens ûndersyk in ekonomyske wearde hat.

Ekonomyske wearde Frysk

Mear as de helte fan de bedriuwen yn Fryslân brûkt it Frysk gauris yn kontakt mei meiwurkers en klanten. In struktureel karakter hat it gebrûk fan it Frysk lykwols net. It Frysk wurdt benammen brûkt yn ynformele setting. Binnen bedriuwen en yn eksterne kommunikaasje is it Frysk (hast) net sichtber.

Undersyk hat sjen litten dat der trije situaasjes binne wêryn't it gebrûk fan it Frysk mearwearde hawwe kin foar de Fryske ekonomy.⁵ It giet dan om it op 'e merk bringen fan typysk Fryske produkten, it fergrutsjen fan de belibbing fan de net-Fryske klant (bgl. yn toerisme en rekreaasje) en it opbouwen fan in fertrouensbân mei Fryske klanten yn de personele, finansjele of tsjinstferliende sektor. Ek foar bedriuwen fêstige yn in regio mei in soad Frysk-sprekkers kin it brûken fan it Frysk ekonomyske (mear)wearde hawwe.

De kommende jierren wol de provinsje bedriuwen bewuster meitsje fan de kânsen dy't it gebrûk fan de Fryske taal biedt. Bedriuwen kinne (finansjele) stipe krije by it sichtberder meitsjen fan it Frysk en it yntegrearjen fan it Frysk yn harren bedriuwen. Ek wurde der kursussen ûntwikkele en oanbean rjochte op taalhâlding, taalfeardigens en taalgebrûk yn relaasje ta de spesifike sektor.

Frysk yn de kommunikaasje- en ynformaasjesektor

Mear gebrûk fan it Frysk yn de kommunikaasje- en ynformaasjesektor draacht by oan de sichtberens en dêrmei fitaliteit fan it Frysk. De mearwearde fan it brûken fan it Frysk wurdt yn de sektor sels lykwols net ûnderfûn. Dizze beliedsperioade wurde bedriuwen yn dy sektor mei help fan begelieding, stipe en kursussen bewust makke fan de mearwearde fan it kommunisearjen yn de memmetaal fan ynwenners fan Fryslân. Dat moat liede ta mear bedriuwen yn de kommunikaasje- en ynformaasjesektor dy't it Frysk brûke yn harren bedriuwaktiviteiten.

Ferbining mei it mbû

Om it Frysk in steviger en struktureel plak te jaan yn it bedriuwslibben is it fan belang dat nije meiwurkers dy't krekt de oplieding foltôge hawwe, kennis hawwe fan de mearwearde en it belang fan it Frysk en it meinimme nei harren wurkplak. Binnen it mbû krijt it Frysk yn de opliedings, relatearre oan it bedriuwslibben, de kommende jierren in struktureel plak. It praktoraat *Friese taal en geletterdheid in de meertalige context* sil oanbefellings dwaan hoe't it Frysk ek yn dy opliedings it bêste yntegrearre wurde kin, oanslutend by it ferlet fan it fjild (sjoch ek *haadstik 2. Frysk yn it ûnderwiis*).

Yn it koart: wat binne de resultaten yn 2028?

- Minimaal 20 bedriuwen meitsje gebrûk fan de stipe om it Frysk te yntegrearjen yn harren bedriuw.
- Mear bedriuwen hawwe it Frysk sichtber makke yn harren ynterne en eksterne kommunikaasje.
- Der wurdt op it mbû ynset op taalfeardigens en -bewustwêzen yn de relevante sektoaren.

⁵ E&E advies (2020). 'Krenten uit de pap' – Op zoek naar de meerwaarde van de Friese taal in het economisch verkeer. Provinsje Fryslân.

4

Frysk yn de frije tiid

Fryslân yn 2051

Fryslân is paadsljochter en in ynspirearjend foarbyld foar oare meartalige regio's oangeande kulturele ûntwikkelingen yn in minderheidstaal. Der is in oansprekkend wurkklimaat dêr't kulturele en literêre makkers har fierder yn ûntwikkelje kinne. In grut ferskaat oan makkers kin fan har wurk libje. It literêre en kreative netwurk yn Fryslân is sterk en hat nasjonale en ynternasjonale ferbiningen.

Der is in grut en oantreklik multymediaal oanbod oan Frysktalige literatuer en oarsoartige kreative (taal)produksjes, dy't jong en âld oansprekke. Fryske films en oare audiofisuele en kulturele produksjes krije ek ynternasjonaal wurdearring en jouwe ynspiraasje om nije kulturele produksjes te meitsjen.

It kreative oanbod soarget derfoar dat it Frysk in libbene taal bliuwt. Net allinnich memmetaalsprekkers genietsje derfan, ek nije sprekkers leare de taal om gebrûk meitsje te kinnen fan it oanbod. De kulturele sektor draacht by oan de taalûntwikkeling fan de ynwenners en it persintaazje minsken mei in beheinde taalfeardigens yn de provinsje is tebekrûn.

Ynliding

In stevige posysje fan it Frysk yn de frije tiid jout de taal in fanselsprekkend plak yn de maatskippij, fuort de taalfeardigens sterk en draacht by oan de fitaliteit fan it Frysk. De provinsje stimulearret en stipet de kommende jierren ynstellingen en makkers om in rom en oantreklik oanbod oan Frysktalige kulturele produksjes te meitsjen foar jong en âld, yn sawol skreaune, sprutsen, byldzjende as oare nije kreative foarmen.

Fryske literatuer

De literatuer is de drager fan de Fryske taal. Troch subsydzjeregelingen iepen te stellen fasilitearret de provinsje it ûntwikkeljen fan in breed literêr oanbod foar jong oant âld en yn alle foarmen. Dêrby is it útgongspunt dat de Fryske literatuer behâlden en fuortsterke wurdt, en dat der romte wêze moat foar fernijing en eksperimint.

Foar foldwaande en fernijend oanbod binne (nije) skriuwers en makkers nedich. Om nije skriuwers en makkers te stimulearjen, te ynspirearjen en in poadium te jaan wurde de aktiviteiten fan Leeuwarden-Ljouwert City of Literature, Boeken fan Fryslân, Tresoar en it Taalproduksjehûs trochset. De skriuwersfakskoalle en ferskate skriuwkursussen stimulearje nije talinten om yn it Frysk te skriuwen en jouwe skriuwers de kâns harren troch te ûntwikkeljen. Ek literêre tydskriften foarmje, as leechdrompelig platform foar begjinnende skriuwers, in wichtige skeakel yn de literêre ynfrastruktuer yn Fryslân en kinne om dy reden rekkenje op provinsjale stipe.

De Christelijke Blinden Bibliotheek (CBB) stelt, mei stipe fan Boeken fan Fryslân, Frysktalige harkboeken beskikber spesjaal foar minsken mei in lêsbefoering. Der wurdt stribbe nei in breed en oansprekkend oanbod foar dy doelgroep. Frysktalige harkboeken binne ek nijsgjirrich foar lêzers dy't (noch) net oer goede lêsbefoering Frysk beskikke. Yn oarbeidzjen wurdt sjoen nei de mooglikheden om dy boeken ûnder in breder publyk bekend te meitsjen. Ek by oare ûntwikkelingen en trends lykas e-books en byldboeken wurdt sjoen nei de mooglikheden om it Frysk dêryn mei te nimmen.

Neist it stimulearjen fan nij en oantreklik oanbod foar alle doelgroepen wurdt trochset mei de promoasje fan Frysktalige boeken. Mei promoasjeaktiviteiten, lykas útfierd troch Boeken fan Fryslân, wurdt stribbe nei in sa grut mooglik berik. Ek de provinsjale literêre prizen, útrikt troch de provinsje Fryslân, bringe skriuwers en har wurk noch mear foar it fuotljocht en drage by oan de erkenning fan de yntrinsike wearde fan Frysktalige literatuer.

Biblioteken

Foar de taaloerdracht fan âlden op bern, mar ek foar it befoarderjen fan de taalfeardigens en de lêswille fan jong en âld, is it fan belang dat biblioteken yn Fryslân in rom, oansprekkend en kwalitatyf heech oanbod fan Fryske titels hawwe, en dat dat oanbod sichtber en beskikber is yn de biblioteek (Sjoch ek *haadstik 1. Frysk thús* en *haadstik 2. Frysk yn it ûnderwiis*). Dat jildt ek foar de biblioteken op skoallen (basis- en fuortset ûnderwiis). De provinsje makket ôfspraken mei de biblioteken en stipe-organisaasje fers oer it fergrutsjen fan it Frysktalige oanbod en de sichtberens fan it Frysk, en it fergrutsjen fan kennis en feardigens oangeande meartaligens fan meiwurkers en lêskonsulinten sadat sy goed advisearje kinne oer it oanbod Frysktalige boeken.

De biblioteek fan Tresoar nimt in bysûnder plak yn mei de bewarfunksje fan alle Frysktalige útjeften en mei in wiidweidige kolleksje Fryske literatuer foar it dwaan fan ûndersyk. Tresoar biedt ek skriuwkursussen oan en makket de Fryske literatuer sichtber. Dy rol wurdt dizze beliedsperioade útwreide.

Neist Fryske literatuer wurdt it Frysk ek brûkt yn oare kulturele foarmen, lykas yn it teäter, film, muzyk en yn nije media.

Frysk teäter en muzyk

Iepenloftspullen binne unyk foar de provinsje. Se drage by oan de fitaliteit fan it Frysk en oan de leefberens op it plattelân. Iepenloftspullen en oare Frysktalige teäter- en muzykproduksjes kinne rekkenje op de stipe fan de provinsje. Dêrby jildt dat der in soad romte is foar eksperimint en fernijende foarmen. Dat makket sokke produksjes ek foar belangstellenden fan bûten de provinsje nijsgjirrich. Foar dyjingen dy't it Frysk net of net goed behearskje, kinne digitale ûntwikkelings helpe by it tagonklik meitsjen fan Frysktalige foarstellings.

Mei subsydzje oan ynstellings en produksjes stimulearret de provinsje in kultureel oanbod dat foar alle Friezen, jong en âld, nijsgjirrich en berikber is en in oantreklik wurkklimaat foar keunstners, skriuwers en muzikanten. Sa wol de provinsje ek it kulturele lânskip yn Fryslân behâlde en fuortsterkje.

Fryske museums

De provinsje fynt it wichtich dat alle ynwenners, mar benammen bern en jongerein, faker in museum besykje en sa yn 'e kunde komme mei it Ferhaal fan Fryslân. Dêrom stipet de provinsje ynstellings en organisaasjes dy't, op ferskate wizen, dat Ferhaal fan Fryslân it meast oansprekkend en tagonklik fertelle. Foar de sichtberens fan it Frysk is it fan belang dat museums en oare kulturele ynstellings dy't de provinsje stipet ek omtinken hawwe foar in lykwaardige posysje fan it Frysk. Dat docht rjocht oan de posysje fan it Frysk as rykstaal en offisjele taal fan Fryslân. Alle subsidiearre ynstellings wurdt frege om nei aard en skaal fan harren organisaasje taalbelied te formulearjen as betingst foar de provinsjale subsydzjeferliening.

Fryske programma's en films

Omrop Fryslân is it medium yn Fryslân dat brûkt wurdt foar Frysktalige radio, telefyzje en online programmearring. It draacht op dy wize by oan de oerdracht, befoardering en sichtberens fan de Fryske taal. Omrop Fryslân hat in fariearre programmearring foar alle doelgroepen.

Der is in lanlike tendins dat hieltyd minder minsken op tradisjonele wize sjogge en harkje nei radio en telefyzje. Meigean mei de hjoeddeiske digitale ûntwikkelings is wichtich foar it Frysk om ek dêr brûkt en sjoen te wurden.

Binnen Taalplan Frysk 2030 hat Omrop Fryslân in rol as it giet om it meitsjen fan edukatyf audiofisueel materiaal mei it platfoarm Tsjil, dat brûkt wurdt by lessen binnen it leargebiet Fryske taal en kultuer. Dat edukative oanbod fan Omrop Fryslân is in tsjinhinger fan it grutte Nederlânsktalige (en Ingelsktalige) oanbod op telefyzje en ynternet (sjoch ek *haadstik 1. Frysk thús*). Ek foar learlingen op it fuortset ûnderwiis en it mbû wurde produksjes ûntwikkele. De produksjes moatte fan hege kwaliteit wêze mei in oansprekkend gebrûk fan de taal om bern en jongerein sa te stimulearjen it Frysk aktyf te brûken.

Mei it sjen litten fan Fryske ferhalen stipet ek film by de taaloerdracht en taalûntwikkeling fan Friezen. De kommende jierren wurdt ynset op in stevich fûnemint foar de hiele filmyndustry yn de provinsje, it netwurk en de finansiering foar alle soarten produksjes. Troch te sjen nei de film-yndustry yn oare regio's wurdt yn kaart brocht wêr't de measte kânsen en mooglikheden lizze.

Dêrneist wurdt yn petear mei de NPO (Nederlandse Publieke Omroep) en streamings-tsjinsten sjoen nei de mooglikheden om mear Fryske films en programma's op te nimmen yn harren programmearring. Dat liedt ta in grutter oanbod en mear fariaasje Frysktalige programma's en films foar jong en âld.

Sport en ferieningslibben

In soad Friezen binne yn de frije tiid aktyf, as sporter of frijwilliger, by de sportferienings. It Frysk wurdt yn ûnderlinge kontakten by sportferienings in soad brûkt en draacht by oan it libben hâlden fan de taal. Troch te stypjen by it (mear) sichtber meitsjen fan it Frysk by uterings fan sportferienings krijt it Frysk in steviger plak yn de iepenbiere romte (sjoch ek *haadstik 5. Frysk yn de iepenbiere romte*). Neist Frysk by de sportferienings stimulearret de provinsje ek it gebrûk fan de Fryske taal by sporteveneminten dy't in soad (ynter)nasjonale omtinken krije.

Yn it koart: wat binne de resultaten yn 2028?

- Der is in fariearre oanbod Frysktalige boeken (yn ferskate foarmen) foar jong en âld, rom beskikber en te finen yn de biblioteken yn Fryslân en oare plakken yn 'e provinsje.
- Der binne mear skriuwers fan Frysktalige boeken, dy't romte krije om te eksperimintearjen yn en bûten it boek.
- It literêre en kulturele netwurk binnen en bûten de provinsje is fuortsterke.
- Iepenloftspullen en oare teäter- en muzykproduksjes binne oansprekkend en tagonklik foar in breed publyk.
- De Fryske taal is sichtber en te hearren yn mear Fryske museums.
- Der binne mear Fryske programma's en films op lanlike telefyzje en by streamingstsjinsten.
- Frysk is sichtber by mear sportferienings en grutte sporteveneminten.
- De Fryske filmyndustry hat in trochûntwikkeling makke en mear films oplevere en dêrmei in stevich plak yn de Fryske kulturele sektor krigen.

5



Frysk yn de iepenbiere romte

Fryslân yn 2051

Yn 2051 is Fryslân sichtber in folslein twatalige provinsje. It Frysk hat in fanselsprekkend plak en is prominint oanwêzich yn de publike romte. Ek alle ferkearsbuorden yn Fryslân binne twatalich. Friezen komme sa it Frysk op ferskillende plakken tsjin yn it deistich libben. Yn alle aktiviteiten en uterings fan oerheidsynstânsjes en subsidiearre organisaasjes en ynstellings wurdt gebrûk makke fan it Frysk. Op dy wize wurdt bydroegen oan in sterkere maatskiplike posysje fan en in positive taalhâlding foar it Frysk oer.

Ynliding

It Frysk is foar mear as de helte fan alle ynwenners fan Fryslân de memmetaal. Yn de iepenbiere romte is it Frysk lykwols net in soad te finen, benammen yn ferliking mei oare minderheidstaalregio's. It fuortbestean en de fitaliteit fan in minderheidstaal hinget gear mei de oanwêzigens fan de taal yn de publike romte.⁶ Sichtberens en it brûken fan de Fryske taal fersterket de maatskiplike posysje fan de taal en dêrmei ek de needsaak om de taal te learen. It fergrutsjen fan de posysje fan it Frysk yn de iepenbiere romte is ien fan de spearpunten fan de BFTK 2024-2028 en krijt yn de kommende beliedsperioade in soad omtinken.

⁶ Gorter, D., & Cenoz, J. (2024). *The Visibility of Minority Languages*. In *A Panorama of Linguistic Landscape Studies* (pp. 174–223). Multilingual Matters / Channel View Publications. <https://doi.org/10.2307/jj.6947033.11>

Sichtber yn iepenbiere romte

It Frysk fertsjinnet as oare rykstaal in lykweardich plak neist it Nederlânsk yn de iepenbiere romte. Yn 2022 hawwe Ryk en provinsje in *Sichtberensakkoart* sletten. De ôfrûne jierren hat de provinsje in soad nijsjirrige sichtberensprojekten stipe. In fêst en funksjoneel plak yn de iepenbiere romte hat it Frysk lykwols net.

De sichtberens fan in taal yn de iepenbiere romte sterket de maatskiplike posysje fan de taal fuort. It jout in taal mear oansjen en hat in posityf effekt op de taalhâlding oangeande de taal. De kommende fjouwer jier nimt de provinsje, yn gearwurking mei it Ryk en stipe-organisaasjes, de foarstap om de oanwêzigens fan it Frysk yn 'e iepenbiere romte mjitber tanimme te litten en in fûnemint te lizzen foar de fanselsprek-kendheid fan it Frysk yn de iepenbiere romte. De ynvestearrings dy't de kommende fjouwer jier dien wurde binne duorsum en soargje derfoar dat it Frysk oanhâldend sichtberder wurdt.

Dêrneist wurdt der binnen alle opjeften dêr't provinsje Fryslân foar stiet sjoen hoe't bydroegen wurde kin oan it fuortsterkjen fan de sichtberens fan it Frysk yn de Fryske maatskippij. Yn de foargeande beliedsperiode binne der al ôfspraken makke mei ynstellings en organisaasjes dy't subsydje krije fan de provinsje oer it sichtber meitsjen fan it Frysk yn harren aktiviteiten en uterings. De kommende periode wurde dy ôfspraken fierder bekrêftige en útwurke.

Alle dagen yn oanrekking mei it Frysk

Foar in fanselsprekkend plak fan it Frysk yn de maatskippij is it fan belang dat ynweners fan Fryslân yn it deistich libben op ferskate manieren yn oanrekking komme mei it Frysk. Dat betsjut dat it Frysk net allinnich sichtber wêze moat op de plakken dêr't it ferwachte wurdt, mar krekt ek op plakken dêr't in breed publyk komt en it Frysk (noch) net faak brûkt wurdt lykas stasjons, museums, sporthallen, sportferienings, doarpshûzen, parken en natuergebieten en boarterstunen. Mei advys en stipe fan de provinsje en provinsjale ynstellings wurdt wurke oan in sterke posysje fan it Frysk yn it deistich libben.

Yn de BFTK is ôfptraat dat der tawurke wurdt nei permaninte meartaligens op de ferkearsbuorden yn Fryslân. It twatalich (Frysk-Nederlânsk) meitsjen fan alle ferkearsbuorden yn Fryslân jout in grutte ympuls oan de sichtberens fan it Frysk.

Dizze beliedsperiode wurdt earst ferkend hoe't de provinsje twatalige ferkearsbuorden realisearje kin en wat dêrfoar nedich is. Troch te sjen nei de oanpak en útfiering yn oare regio's wurdt tawurke nei in útfierbere en duorsume oanpak foar it meartalich meitsjen fan de ferkearsbuorden yn Fryslân. Yn de twadde helte fan de beliedsperiode wurdt begûn mei de útfiering.

Yn it koart: wat binne de resultaten yn 2028?

- It Frysk is op mear plakken yn de provinsje te finen en alle Friezen komme yn it deistich libben it Frysk gauris tsjin op lokaasjes lykas boarterstunen, stasjons en natuergebieten.
- Alle organisaasjes en ynstellings dy't fan de provinsje stipe krije drage it Frysk út yn harren aktiviteiten en uterings.
- De mooglikheden foar it permanint meartalich meitsjen fan ferkearsbuorden binne yn kaart brocht en der is in begjin makke mei de útfiering.



Frysk by oerheid, rjochtbank en yn de soarch

Fryslân yn 2051

Yn 2051 is alle kommunikaasje fan en mei (oerheids)ynstânsjes yn it Fryske taalgebiet twatalich. Ynwenners fan Fryslân witte dat se yn kontakt mei de oerheid, rjochtbank en yn de soarch it Frysk brûke meie en kinne. Elk dy't it Frysk brûke wol fielt him/har frij om dat te dwaan en ûnderfynt gjin beheinings yn it brûken dêrfan.

Ynlieding

It Frysk by oerheidsynstânsjes brûke kinne en meie draacht by oan it behâld fan de fitaliteit fan in taal. Hâldingen fan de oerheid foar de taal oer, it belied fan oerheidsynstallings, de offisjele status fan de taal en it gebrûk foarmje mei-inoar ien fan de pylders fan it UNESCO-model foar taalfitaliteit.

De kommende beliedsperioade wurdt der in flinke stap makke yn 'e rjochting fan de ambysjes foar 2051. Dêrby wurdt ûnderskied makke tusken de eigen ferantwurdlikheid fan provinsje Fryslân as Taalskipper en dy fan oare offisjele en oerheidsynstânsjes yn it Fryske taalgebiet.

Rol provinsje Fryslân

Provinsje Fryslân hat as oerheidsynstânsje in foarbyldfunksje as it giet om it út dragen fan it Frysk yn it offisjele ferkear. Yn de organisaasjefyzje fan de provinsje stiet dat twataligens in fanselsprekkend ûnderdiel is fan de organisaasje. Dat hâldt yn dat yn it

organisaasjebelied op alle (relevante) mêden ôfspraken binne of makke wurde oer twataligens. Dat giet bygelyks om akwisyse- en seleksjebelied, fasiliteere saken, opliedingsoanbod, kommunikaasje en oarsoartige uteringen, ferantwurdlikens fan direksje en management, twatalige stikken en formulieren. Der is in *Wurkgroep Yntern Taalbelied* ûnder foarsitterskip fan de algemien direkteur om dêr tafersjoch op te hâlden. Troch sjen te litten dat it Frysk in lykweardige posysje hat as bestjoerstaal en rom omtinken krijt yn alle provinsjale uterings en aktiviteiten kin de provinsje oare oerheidsynstânsjes ynspirearje en motivearje. Yn 2028 is it útgongspunt dat alle kommunikaasje fan de provinsje Fryslân Frysktalich is en twatalich dêr't dat nedich is en wurdt it Frysk yn alle aktiviteiten aktyf útdroegen.

As Taalskipper hat de provinsje de taak om de Fryske taal te beskermjen en te befoarderjen. Op grûn fan dy rol wurde oare oerheidsorganisaasjes lykas de gemeenten en ryksútfieringsorganisaasjes stimulearre om harren aktyf foar it Frysk yn te setten. Op grûn fan datselde tinken stelt de provinsje omtinken foar de Fryske taal of twataligens, as betingst oan it jaan oan (boekjier)subsydzjes.

Underdiel fan de taalskippersrol is ek om de ynwenners fan Fryslân bewust te meitsjen fan harren rjocht om it Frysk te praten mei oerheidsynstânsjes. Dat docht de provinsje troch de sichtberens fan it Frysk yn 'e iepenbiere romte te fergrutsjen en troch kampanjes ûntwikkelje te litten dy't ynwenners fan de provinsje bewust meitsje fan harren rjocht.

Gemeenten en oare oerheidsynstânsjes

Alle Fryske gemeenten út it Fryske taalgebiet, de Feilichheidsregio, de FUMO en Wetterskip Fryslân hawwe in wetlike taak oangeande it Frysk. Yn de oerlisstruktuer *Mei-inoar foar it Frysk* formulearje sy mienskiplik ambysjes. De provinsje trunet, as foarsitter fan *Mei-inoar foar it Frysk*, organisaasjes oan en stimulearret harren om it Frysk út te dragen yn harren ynterne en eksterne kommunikaasje en it sichtber te meitsjen yn de iepenbiere romte. Sa kinne gemeenten, mei finansjele help fan de provinsje, in meartaligenskoördinator oanstelle dy't soarget foar in yntegrale oanpak mei each foar de streektaal en bining mei de mienskip.

De provinsje hat ek de formele rol as tafersjochhâlder op de útfiering fan de *Wet Gebrûk Fryske Taal*. Op grûn fan it *Interbestuurlijk Toezicht* wurde sadwaande ek petearen fierd mei de gemeenten oer harren wetlike taken op dat mêd. De kommende jierren wurdt mienskiplik tawurke nei in folslein lykweardige posysje fan it Frysk yn alle kommunikaasje-uterings. Dêr wurde mei de gemeenten konkrete en mjitbere ambysjes foar formulearre.

Neist ôfspraken mei gemeenten en oare oerheidsynstânsjes wurde der dizze beliedsperiode ek dúdlike ôfspraken mei it Ryk oer twatalige kommunikaasje makke. Yn de ynformaasje fan de ryksoerheid moat it Frysk as oare rykstaal in lykweardige posysje neist it Nederlânsk hawwe.

Rjochtbanken

Nei de rjochtbank moatte is in spannende ûnderfining foar de boarger. It is dêrom fan belang dat minsken harren eigen taal prate kinne en meie. Op dy wize kin elk him it bêste uterje wat bydraacht oan in goede rjochtsgong.

Yn de *Wet Gebrûk Fryske Taal (WGFT)* is fêstlein dat minsken dy't yn 'e provinsje Fryslân wenje of festige binne harren yn it Frysk uterje meie yn 'e rjochtbank. De kommende perioade set de provinsje derop yn dat alle boargers fan Fryslân gebrûk meitsje kinne fan dat rjocht.

De Ried fan de Rjochtspraak hat, yn it ramt fan de *Bestjoersôfspraak Fryske taal en Kultuer (BFTK)*, oanjûn dat der ynfolling jûn wurde sil oan de wetlike bepalingen út de WGFT. Sa fasilitearret de rjochtbank Noard-Nederlân in kursusoanbod en ynformaasje oer de rjochten en it gebrûk fan de Fryske taal en wurdt der by de tadieling fan saken oan rjochters sjoen nei de behearsking fan it Frysk. Fierder wurdt sjoen nei de mooglikheden om it Frysk sichtberder te meitsjen op de byldskermen yn de rjochtbank Ljouwert. De provinsje sjocht ta op de útfiering fan dy ôfspraken.

Soarch

Foar it wolwêzen fan pasjinten is it fan belang dat sy oansprutsen wurde yn harren memmetaal en harren yn dy taal uterje kinne. De kommende jierren wurdt ynset op it ferbetterjen fan de posysje fan it Frysk yn de soarch. Fia it projekt *Frysk yn 'e Soarch* wurde organisaasjes yn de soarch of it sosjale domein stimulearre it Frysk yn it kontakt mei pasjinten te boargjen. Sy krije stipe fan de provinsje en/of in stipe-organisaasje om taalbelied te ûntwikkeljen en de sichtberens fan it Frysk yn de organisaasjes te fergrutsjen. Taalfeardigens fan persoanen is fan belang om de doelstelling helje te kinnen. Om dy reden stipet de provinsje ek de (troch)ûntwikkeling fan taalkursussen foar professionals yn 'e soarch.

Yn it koart: wat binne de resultaten yn 2028?

- De provinsje jout as Taalskipper it goede foarbyld en draacht it Frysk yn al har fasetten út. Alle kommunikaasje fan de provinsje Fryslân is Frysktalich en twatalich dêr't dat nedich is. De provinsje draacht it Frysk sels yn alle aktiviteiten aktyf út.
- In fearn fan alle kommunikaasje troch offisjele ynstânsjes is twatalich.
- Gemeenten en ryksútfieringsynstânsjes hawwe taalbelied en fuortsterkje en boargje sa it Frysk.
- Meartaligenskoördinatoren stypje de gemeenten by it realisearjen fan harren taalbelied.
- Der is in ferbettering sichtber by de rjochtbank by it neistribjen fan de ôfspraken út de BFTK en tasizzing fan de Raad voor de Rechtspraak.
- Soarchynstellings hawwe taalbelied, boargje it gebrûk fan de taal mei pasjinten en meitsje it Frysk sichtber yn de gebouwen mar ek yn kommunikaasje-úterings.



Undersyk nei en foar it Frysk

Fryslân yn 2051

De kennisynfrastruktuer om it Frysk hinne is yn 2051 wer op oarder. Der binne foldwaande eksperts, opliedingsmooglikheden en ynstellings dy't har dwaande hâlde mei ûnderwiis en ûndersyk op it mêd fan de Fryske taal en kultuer om útwurking te jaan oan (Europeeske en wetlike) ôfspraken foar it Frysk. Beliedsdoelen op it mêd fan de Fryske taal en kultuer binne basearre op wittenskiplik ûndersyk en wurde yntegraal útfierd.

Ynlieding

Wittenskiplik ûndersyk is de basis fan it provinsjaal taalbelied. Fia ferskate mjittingen wurdt bygelyks yn kaart brocht hoe't bygelyks Taalplan Frysk 2030 rint, hoe't it tal sprekkers en de Fryske taalfeardigens him ûntjout, wat wichtige motiven binne foar nijkommers om it Frysk te learen en ek echt te brûken, en hoe't minsken stimulearre wurde kinne om de Fryske taal en kultuer troch te jaan oan harren (berns)bern.

Provinsje Fryslân lit him advisearje en ynspirearje troch ûnôfhinklik ûndersyk. Dêrom stipet de provinsje ferskate organisaasjes dy't fûneminteel of tapast ûndersyk útfiere, argiven beheare en helpe by it foarmjaan en útfieren fan ûnderwiis- en taalbelied. De provinsje stjoert ek oan op ôfstimming en koördinaasje fan de aktiviteiten fan kennispartners.

Op grûn fan har rol as Taalskipper hat de provinsje ambysjes formulearre om mei de ynstellings ta te wurkjen nei de langetermyn doelstelling foar 2051. Foar in grut part komme dy oerien mei de ambysjes dy't mei it Ryk ôfpraat binne yn de BFTK 2024-2028, foar in oar part mei de ambysjes út ús Bestjoersakkoart 2023-2027. Hjirûnder wurde de ambysjes ien foar ien útwurke.

Kennisyinfrastruktuer

Tusken 2019 en 2023 binne der in pear rapporten oer de kennisyinfrastruktuer ferskynd dy't yn grutte halen deselde konklúzjes befetsje⁷. Der moatte mear minsken oplaat wurde dy't har dwaande hâlde kinne mei ûnderwiis en ûndersyk op it mêd fan de Fryske taal, kultuer en skiednis. Ek soe der mear en better gearwurke wurde moatte tusken de kennisynstellings, is der ferlet fan mear fokus en regy, en der moat neffens de rapporten mear omtinken wêze foar it fêsthâlden fan ûnderwiis- en ûndersykstalint. Bart dat net, dan wurdt it dreech om Europeeske en wetlike ôfspraken oer it Frysk nei te kommen, en om nij taalbelied te formulearjen en út te fieren.

Dat der in tekoart oan eksperts is, is fielber. Foar belangrike posysjes yn de kennisynfrastruktuer is it lestich minsken te finen. Sa is der bygelyks in tekoart oan (senior) ûndersikers, dosintoplieders, sjoernalisten dy't it Frysk goed behearskje, skriuwers en oersetters. Ek moatte der folle mear learkrêften Frysk foar it basisûnderwiis en dosinten Frysk foar it fuortset ûnderwiis en hbû komme. At der neat feroaret, komt net allinnich de takomst fan de frisytyk (it wittenskiplike ûndersyk nei it Frysk), mar ek de takomst fan it Frysk faai te stean. Dêrom fynt de provinsje it wichtich dat de basis wer op oarder brocht wurdt. De kommende perioade set de provinsje mei de ynstellings yn op it mienskiplik oanlûken, oplieden en fêsthâlden fan talinten foar de takomst.

Frysk op universitêr nivo

Yn *Nij Poadium* is yn it ramt fan Taalplan Frysk 2030 in start makke mei it fuortsterkjen fan de trochgeande learline tusken de ferskate ûnderwiisnivo's. It measte omtinken is doe (ek mei each op de wetlike ferplichtings yn it primêr en fuortset ûnderwiis) útgien nei it earste part fan de learline. Yn it ljocht fan boppeneamde advizen oan provinsje en Ryk wurdt der de kommende perioade oan wurke dat der mear eksperts oplaat wurde sawol yn it hbû (sjoch *haadstik 2. Frysk yn it ûnderwiis*) as oan de universiteit.

In ûnôfhinklike posysje fan universiteit is op himsels winsklik, sa konkludearret ek DINGtiid, mar foar it Frysk pakt soks net goed út⁸. Mei it ferdwinen fan de iennige selsstannige bachelor- en masteroplieding Fryske taal- en letterkunde oan de Rijksuniversiteit fan Grins is it ûnderwiisoanbod op it mêd fan it Frysk op universitêr nivo de lêste tsien jier bot werom rûn, krekt as it tal studinten dat it oanbod folget.

Gelokkich leit der mei it Europeesk Hânfêst in juridyske basis foar akademysk ûnderwiis op it mêd fan de Fryske taal en kultuer. Yn de BFTK is dêrom mei it Ryk ôfpraat dat der yn de kommende perioade mei-inoar wurke wurdt oan it fuortsterkjen fan it Frysk op universitêr nivo. Sa moat der neffens alle partijen wer in fulltime heechlearaar Fryske taal en kultuer komme en minimaal 2 fte akademyske stêf, dy't yn alle gefallen in folsleine en duorsume bacheloroplieding Frysk fersoargje. Om't in soad studinten earst as se wat âlder binne belangstelling krije foar it Frysk, ûndersykje provinsje, OCW en BZK ek hoe't de mooglikheden foar sydynstream en nije ûndersikers wer fergutte wurde kinne. Dêrmei ferbetteret it lêste diel fan de trochgeande learline fan Taalplan Frysk 2030.

7 Sjoch 'Rapport van de Taskforce Fryske Akademy' (2019), DINGtiid. 'Op 'e syk nei nije dynamyk. Advysnotysje oangeande de kennisyinfrastruktuer fan it Frysk' (2020), DINGtiid. 'Advysbrief universitêre frisytyk' (2022), ComEX. 'Seventh Evaluation Report on the Netherlands' (2022), KNAW. 'De toekomst van de frisytyk' (2023).

8 DINGtiid (2022). Advysbrief universitêre frisytyk.

Gearwurking

Yn it *Bestjoersakkoart Oparbeidzje foar Fryslân 2023-2027* stiet oanjûn dat de provinsje oanstoere sil op mear gearwurking tusken organisaasjes, sadat it jild foar it Frysk sa effektyf mooglik ynset wurdt. De line ynset mei *Nij Poadium* wurdt dêrmei trochset. Doe is in gearwurkingstrajekt tusken de ferskate ynstellings yn Fryslân úteinset, it *Gearwurkingstrajekt Fryske Taal en Kultuer (GFTK)*. Dat hat laat ta in kennisaginda dy't de kommende jierren útwurke wurde sil ta in mearjierrich útfieringsprogramma.

Sawol DINGtiid as it Steatekomitee Frysk wurkje de kommende jierren oan in foarstel foar in langetermynfyzje foar de Fryske taal. Yn Wales wurkje se al mei sa'n lange-termynfyzje⁹.

Dy ûntwikkelings, krekt as de mooglike start fan in Ried foar de Frisistyk as plak dêr't in tal kearnspilers op lanlik nivo ôfstimming sykje sil oer heger ûnderwiis en ûndersyk, wurde meinommen yn it ferfolch op de GFTK. Om de basis wer op oarder te krijen, advisearret de provinsje om yn beide trajekten in soad omtinken te hawwen foar regeneraasje: it oanlûken en fêsthâlden fan spesjalisten op it mêd fan it Frysk. Sa wurdt de frisistyk fuortsterke en slute de aktiviteiten fan de kennispartners dêr't de provinsje in subsydjierelaasje mei hat better op inoar oan. Dat liedt ta mear synergy tusken de partijen en in sterkere posysje fan de Fryske taal en kultuer.

Kennis- en wittenskipsbelied

Net al it kwantitative en kwalitative ûndersyk dat útfierd wurdt is dalik tapasber. It grutste part fan it provinsjale ûndersyksbudzjet is ornearre foar fûneminteel ûndersyk nei de Fryske taal en kultuer, lykas ûndersyk nei de Aldfryske rjochtsteksten of taalfariaasje. Fûneminteel ûndersyk is rjochte op it fergrutsjen fan kennis. Dat is weardefol om't it ynsjoch jout yn wêr't wy weikomme en hoe't ús maatskippij en wrâld algeduerigen feroarje. Foar it provinsjale belied is ferlet fan sawol fûneminteel as tapasber ûndersyk. Dêrom sil de provinsje in eigen kennis- en wittenskipsbelied formulearje en fêststelle. Dat moat better ynsichtlik meitsje hokker beliedsfragen en beliedsûntjouwingen (foar taalbelied bygelyks op it mêd fan taaloerdracht of it ûntwikkeljen fan spraaktechnology) om wittenskiplik ûndersyk freegje, en hoe't de provinsje op grûn fan de soarchplicht foar it Frysk better stjoere kin op ûndersyk dat de posysje fan it Frysk helpt te fersterkjen.

Yn it koart: wat binne de resultaten yn 2028?

- Der is in folsleine, duorsume en tagonklike bacheloropleiding Fryske taal en kultuer mei in fulltime heechlearaar en op syn minst 2 fte akademyske stêf.
- De gearwurking tusken ynstellings is troch oerlis binnen it GFTK en de Ried foar de Frisistyk fierder ferbettere. Der wurdt wurke op grûn fan in mienskiplike fizy op it op Fryslân oriïntearre ûndersyk en ûnderwiis.
- Ynstellingen wurkje effektyf gear by it oanlûken en fêsthâlden fan studinten en ûndersikers op it mêd fan it Frysk, en it betinken en útfieren fan ûnderwiis- en ûndersyksaktiviteiten.
- De kennisaginda is útwurke ta in mearjierrige útfieringsaginda.
- De provinsje hat har eigen kennis- en wittenskipsbelied foar it Frysk ûntwikkele en fêststeld.

9 Llywodraeth Cymru/Welsh Government (2017). *Cymraeg 2050. A million Welsh speakers.*

8

Ynternasjonale gearwurking

Fryslân yn 2051

Fryslân wurket goed gear mei oare meartalige regio's op it mêd fan taalplanning, ûndersyk, ûnderwiis, kulturele produksjes en uterings, en yn de lobby nei Europa ta. Dêrtroch is it mooglik om goede gearwurkingsprogramma's, meifinansiere troch Europa, op te setten. Dat soarget foar in grut ferskaat oan eksellint ferlykjend ûndersyk en kulturele produksjes en útwikselingen. Troch de gearwurking leare de regio's fan inoar en ynspirearje se inoar folop en is it Frysk in fitale taal.

Ynlieding

Der binne yn 'e wrâld in hiel soad regio's dy't meartalich binne. Yn dy regio's is/binne neist de nasjonale taal (in) oare taal/talen yn gebrûk. Guon talen binne offisjeel erkend en wurde troch in grut tal ynwenners brûkt, oare talen steane ûnder druk en dêr driget assimilaasje. Alle regio's hawwe op harren eigen wize each en omtinken foar dy talen.

Op guon mêden kin Fryslân in soad leare fan oare regio's, op oare mêden rint Fryslân foarop. Mei troch ynternasjonale gearwurking kinne talen lykas it Frysk fuortsterke wurde. Yn de lobby nei Europa ta, mei ferlykjend ûndersyk, útwikseling fan kulturele produksjes en ûnderwiisbelied, en it ûntwikkeljen fan langetermynbelied en taalplanningsaktiviteiten. De kommende jierren sil de provinsje wurkje oan it útbouwen fan de ynternasjonale gearwurking op it mêd fan taal en kultuer.

Troch gear te wurkjen op it mêd fan taalplanning, ûnderwiis en ûndersyk, mar ek op it mêd fan kulturele produksjes en uterings kinne regio's fan inoar leare, inoar ynspirearje, mear (Europeesk) jild byinoar swylje foar nij ûndersyk en nije produksjes, en mei inoar foar de belangen fan meartalige regio's opkomme.

NPLD

It Europeeske Network to Promote Linguistic Diversity (NPLD) is in wichtige platfoarm-organisaasje foar lokale oerheden, wittenskiplike en maatskiplike organisaasjes út gebieten dêr't in minderheids- of regionale taal brûkt wurdt. De provinsje sil yn oparbeidzjen mei de oare Fryske NPLD-leden aktyf bydrage oan it organisearjen fan gearkomsten en projekten oangeande tema's lykas taalfitaliteit. It NPLD wurdt aktyf brûkt om de kennis oer it behâlden en befoarderjen fan ús talen te dielen. De ynset fan de provinsje dêrby is om de ferbining tusken it Fryske ûnderwiisfjild, de wittenskiplike wrâld, de Fryske kulturele wrâld, de Fryske ekonomy en dy fan de (praktyske) taalbefoardering fan it Frysk (noch) better ta stân te bringen. It stribjen is om tusken 2025-2028 op syn minst ien kear in NPLD-gearkomste nei Fryslân ta te heljen. Dêrneist is mei oare Fryske NPLD-partners ôfsprutsen Fryslân de kommende jierren better foar it fuotljocht te krijen yn de aktiviteiten fan it NPLD en mear ynfloed út te oefenjen op de te besprekken tema's.

Undersyksprojekten

De wittenskiplike stúdzje fan it Frysk, de frisistyk, is fan belang foar de takomst fan it Frysk en foar de status fan it Frysk as Europeeske taal. De kommende perioade wurdt trochset mei it útwikseljen fan kennis oer it Frysk mei oare meartalige regio's yn Europa, bygelyks mei it Network to Promote Linguistic Diversity (NPLD). Neist de provinsje dogge ek Fryske ynstellings lykas de Fryske Akademy, Mercator, Tresoar, de Afûk en NHL Stenden Hogeschool mei oan ynternasjonale gearwurkingsprojekten.

Ynternasjonale kulturele projekten

De provinsje Fryslân wol as (lead)partner yn gearwurking mei partners út ferlykbere Europeeske taalregio's dielnimme oan ynternasjonale projekten, dy't foar it yn stân hâlden fan de Fryske taal relevant binne. Dêrby wurdt yn it bysûnder gebrûk makke fan it NPLD-netwurk, mar as dat mooglik is ek fan oare kultuer- en taalrelatearre Europeeske netwurken lykas UNESCO Cities of Literature en Film. It beskermjen en befoarderjen fan ús Europeeske (minderheids- en regionale) talen en kultueren sil dêrby altyd it haaddoel wêze. Dêrby giet it bygelyks om it befoarderjen fan kulturele aktiviteiten foar nasjonale minderheden (bygelyks teäter yn eigen taal, beskikberheid kennis oer eigen erfgoed en skiednis yn museums), twa- of meartalich ûnderwiis, rjochten oangeande kulturele ekspresje en mooglikheden foar nije domeinen en media (útwikseling sjoernalisten lokale omroppen).

Utwikselingsprojekten foar jongerein

De provinsje sil ek yn 'e takomst foarsjen yn it ferlet fan it Fryske fjild om mei oare Europeeske minderheidstaalgebieten yn kontakt te kommen. Sy stelt dêr alle jierren finansiering foar beskikber. De wichtichste doelgroepen binne jonge Fryske skriuwers, dichters, filmmakkers, muzikanten, sjoernalisten en skoalgeande of studearjende jongerein. Ynternasionalisearring is dêrby perfoarst gjin doel op himsels, mar in middel om fan inoar leare te kinnen en harren troch oare minderheidstaalregio's ynspirearje te litten.

Kontakten mei Fryske buorlannen

Ynhâldlike kontakten en útwikseling op it mêd fan taal(fitaliteit), kultuer en ûnderwiis tusken de provinsje Fryslân en de fan âlds besibbe taalgebieten om de waadregio hinne

wurde yn oerlis mei de oanbelangjende gebieten kontinuearre. Bestead Frysk lesmateriaal en/of berneboeken kin op fersyk beskikber steld wurde oan taalregio's dêr't Fryske farianten sprutsen wurde (Dútslân en de Länder Niedersaksen en Sleeswyk-Holstein). De ynternasjonale kontakten mei de oare Fryslannen wurde ek brûkt om nije netwurken op te bouwen en ynformaasje út te wikseljen. Dêrnjonken sil ûndersocht wurde oft der in ûndersyksaginda ûntwikkele wurde kin oer taalsosjologyske fraachstikken. Doel is de mienskiplike oanpak fan it fuortsterkjen fan de taalfitaliteit yn de ûnderskate regio's.

Stipe fan Nederlânske ambassades

Yn de BFTK is ôfpraat dat it Ministearje fan Utlânske Saken en de Nederlânske ambassades yn fokuslannen, de provinsje aktyf stypje sille by it lizzen fan kontakten.

Yntegraasje mei oare beliedsmêden

De kommende jierren sil der mear omtinken komme om de Fryske taal en talich ferskaat te ferbinen oan oare wichtige tema's dêr't de provinsje mei dwaande is lykas regionale en plattelânsûntwikkeling, bioferskaat, digitalisearring, en partisipaasje en empowerment fan de mienskip. Yn de ynternasjonale gearwurking sil it Frysk en de earder neamde ekspertize op it mêd fan meartaligens hieltyd faker in plak krije, benammen yn gearwurkingsprojekten mei oare meartalige regio's.

Yn it koart: wat binne de resultaten yn 2028?

- De provinsje organisearret mei de oare Fryske NPLD-partners op syn minst ien kear in NPLD-gearkomste yn Fryslân.
- Der binne yn alle gefallen twa ynternasjonale gearwurkingsprojekten op it mêd fan ûndersyk, taalplanning of kultuer mei oare meartalige regio's, meifinansiere troch Europa.
- De útwikseling mei oare UNESCO Cities of Literature, mar ek mei oare UNESCO cities lykas op it mêd fan film en teäter liedt ta op syn minst twa nije ynternasjonale gearwurkingen en produksjes.
- Om de ambysjes op it mêd fan film wiermeitsje te kinnen, stipet de provinsje op syn minst ien útwikseling mei in oare minderheidstaalregio dêr't in sterke filmyndustry aktyf is.

9

↗ Steateseal

↘ Kommisjeseal



Monitoaring en finânsjes

Monitoaringsramt

Oan de ein fan elk haadstik of paragraaf stiet in koart oersjoch mei de ferwachte resultaten yn 2028. In oantal resultaten binne mjitber formulearre en kinne metten wurde mei ûndersiken dy't de provinsje sels útfierd of opdracht foar jout lykas de Taalatlas en de Taalplan Frysk 2-mjitting. Ek kin de provinsje oan de hân fan oersjoggen mei oantal oanfragen en subsydzjeferienings sjen yn hoefier't de resultaten behelle binne.

Oare beskreaune resultaten yn 2028 binne (noch) net útwurke yn mjitbere sifers of mei in neiere beskriuwing wa't it útfiere sil en hoe't dat dien wurde sil. Amtlik sil dat byholden wurde yn in apart monitoaringsramt.

Finânsjes

Understeande tabel jout oan hoe't de kommende beliedsperioade de finansjele middels ynset wurde sille. De beskikbere middels besteane út de strukturele budzjetten neffens de begrutting fan de provinsje oanfolle mei tydlike middels út it *Bestjoersakkoart Oparbeidzje foar Fryslân 2023-2027* en tydlike oanfoljende middels út de *Bestjoersôfspraak Fryske taal en kultuer (BFTK) 2024-2028* mei it Ryk. Provinsjale Steaten hawwe yn juny 2022 besletten om in oantal strukturele budzjetten as weroerwagings oan te merken. Yn earste ynstânsje soe dat fan 2025 ôf, mar Provinsjale Steaten hawwe mei in amendemint bepaald dat de kosten foar dat jier noch út de Vrij Aanwendbare Reserve (VAR) dutsen wurde. Sadwaande wurde de weroerwagings fan 2026 ôf fan krêft en binne dy yn de begrutting ferwurke. Dêrby is sjoen nei de bydrage dy't levere wurdt oan de taalfitaliteit fan it Frysk.

Foar elk haadstik is in ferdieling makke op basis fan de beskikbere middels en de ûnderskate ûnderwerpen. In part fan de middels is beskikber foar ûnderwerpen dy't yntegraal oppakt wurde tusken de ferskate haadstikken fan dizze beliedsnota en mei oare beliedsmêden. Neist útjeften oan guod en tsjinsten sil it grutste part fan de middels ynset wurde foar subsydzjes fia subsydzjeregelingen, oan taal- en ûnderwiisynstellingen en fia projekten.

Tabel begrutting 2025-2028

Finânsjes	2025	2026	2027	2028
Frysk thús				
Boekjierynstellings taal	€ 32.600	€ 32.600	€ 32.600	€ 32.600
Taaloerdracht	€ 181.200	€ 100.000	€ 100.000	€ 100.000
Totaal	€ 213.800	€ 132.600	€ 132.600	€ 132.600
Frysk yn it ûnderwiis				
Boekjierynstellings ûnderwiis/Taalplan Frysk 2030/regelingen	€ 5.656.700	€ 5.237.500	€ 5.237.500	€ 5.312.500
Kearndoelen Frysk (ynklusyf bydrage Ryk*)	€ 400.000	€ 100.000	€ 50.000	
Leararen primêr & fuortset ûnderwiis (bydrage Ryk*)	€ 1.400.000	€ 2.100.000	€ 2.100.000	€ 1.400.000
Totaal	€ 7.456.700	€ 7.437.500	€ 7.387.500	€ 6.712.500
Frysk op it wurk				
Taalbelied Taalfitaliteit	€ 50.000	€ 50.000	€ 50.000	€ 50.000
Totaal	€ 50.000	€ 50.000	€ 50.000	€ 50.000
Frysk yn de frije tiid				
Boekjierynstelling Biblioteek***	€ 3.616.200	€ 3.616.200	€ 3.616.200	€ 3.616.200
Boekjierynstellings Taal	€ 2.100.000	€ 1.926.700	€ 1.926.700	€ 1.926.700
Prizen	€ 87.300	€ 40.200	€ 40.200	€ 40.200
Taalbefoarding Afûk (bydrage Ryk*)	€ 100.000	€ 350.000	€ 350.000	€ 200.000
Taalbelied Taalfitaliteit	€ 200.000	€ 175.000	€ 150.000	€ 150.000
Taalfitaliteit NHL Stenden Hogeschool Minor Frysktalige sjoernalistyk**	€ 50.000	€ 75.000	€ 75.000	€ 50.000
Taalbelied City of Literature	€ 300.000	€ 300.000	€ 300.000	€ 300.000
Taalbelied Taalproduksjehûs	€ 150.000	€ 150.000	€ 150.000	€ 150.000
Taalprojekten	€ 212.800	€ 154.100	€ 154.100	€ 154.100
Taalprojekten & regelingen	€ 651.400	€ 610.300	€ 610.300	€ 610.300
Taalregelingen literatuer/kultuer (bydrage Ryk*)	€ 350.000	€ 500.000	€ 500.000	€ 400.000
Totaal	€ 7.817.700	€ 7.897.500	€ 7.872.500	€ 7.597.500
Frysk yn de iepenbiere romte				
Sichtberens Ympuls (bydrage Ryk*)	€ 100.000	€ 100.000	€ -	€ -
Sichtberens de twatalige provinsje	€ 200.000	€ 530.000	€ 530.000	€ 420.000
Sichtberens projekten & regeling	€ 226.800	€ 226.800	€ 226.800	€ 226.800
Totaal	€ 526.800	€ 856.800	€ 756.800	€ 646.800
Frysk by oerheid, rjochtbank en yn de soarch				
Advysorgaan Fryske taal	€ 92.000	€ 92.000	€ 92.000	€ 92.000

Finânsjes	2025	2026	2027	2028
Meartaligenskoördinator gemeenten (bydrage Ryk*)	€ 140.000	€ 640.000	€ 580.000	€ 340.000
Totaal	€ 232.000	€ 732.000	€ 672.000	€ 432.000
Undersyk nei en foar it Frysk				
Argyf & Kennis***	€ 3.949.100	€ 3.949.100	€ 3.949.100	€ 3.949.100
Wittenskip & Kennis	€ 3.085.800	€ 3.085.800	€ 3.085.800	€ 3.085.800
Akademysk Frysk	€ 120.400	€ 120.400	€ 120.400	€ 120.400
Totaal	€ 7.155.300	€ 7.155.300	€ 7.155.300	€ 7.155.300
Ynternasjonale gearwurking				
Ynternasjonaal	€ 264.300	€ 264.300	€ 264.300	€ 264.300
Totaal	€ 264.300	€ 264.300	€ 264.300	€ 264.300
Proseskosten****	€ 75.000	€ 150.000	€ 150.000	€ 75.000
Totaal	€ 75.000	€ 150.000	€ 150.000	€ 75.000
Totaal	€ 23.791.600	€ 24.676.000	€ 24.441.000	€ 23.066.000
Ynstellings hybride aktiviteiten***	€ 8.414.400-	€ 8.365.300-	€ 8.365.300-	€ 8.365.300-
Totaal	€ 15.377.200	€ 16.310.700	€ 16.075.700	€ 14.700.700

* De ûnderdielen dy't oanjûn binne as in bydrage fan it Ryk binne nije oanfoljende ûnderwerpen út de BFTK 2024-2028. Yn de BFTK steane de bestjoersôfspraken oer de Fryske Taal en Kultuer mei it Ryk. De ynkkomsten fan dizze middels rinne fia it provinsjefûns. Fia it provinsjefûns binne de ûnderdielen Kearndoelen en Sichtberens ympulsbydrage al opnommen yn de provinsjale begrutting.

**De bydrage foar de minor Frysktalige sjoernalistyk fan it Ryk oan de NHL Stenden Hogeschool is yn totaal 125k. De provinsje docht ek in bydrage fan 125k oan NHL Stenden Hogeschool ferdiel neffens de begrutting.

*** Ynstellingen Omrop Fryslân, Tresoar en Fers hawwe hybride aktiviteiten. Alle provinsjes hawwe in Regionale Publike Omrop (Mediawet), Regionaal Histoarysk Sintrum (Argyfwet) en in Stipefunksje-ynstelling bibliteekwurk (Wet stelsel openbare bibliotheken). Yn Fryslân hawwe dy ynstellingen in ekstra taak oangeande de Fryske taal, sadwaande meitsje sy ûnderdiel út fan dizze nota en begrutting.

**** De proseskosten binne foar algemiene útjeften fan guod en tsjinsten en útjeften oangeande it monitoaringsramt.

Boarnefermelding

Bosma, E. (2017). *Bilingualism and cognition: The acquisition of Frisian and Dutch*, Universiteit van Amsterdam.

Committee of Expert of the European Charter for Regional or Minority Languages (2022). *Seventh Evaluation Report on the Netherlands*.

DINGtiid (2022). *Adviesbrief Universitaire Frisistiek*.

DINGtiid (2020). *Op 'e syk nei nije dynamyk. Advysnotysje oangeande de kennisyn-frastruktuer fan it Frysk*.

Europeesk Hânfêst foar regionale talen of talen fan minderheden. Straatsburg, 05-11-1992.

E&E advies (2020). *'Krenten uit de pap' – Op zoek naar de meerwaarde van de Friese taal in het economisch verkeer*. Provinsje Fryslân.

Gorter, D., & Cenoz, J. (2024). *The Visibility of Minority Languages*. In *A Panorama of Linguistic Landscape Studies* (pp. 174–223). Multilingual Matters / Channel View Publications.

KNAW (2023). *De toekomst van de frisistiek*.

Llywodraeth Cymru/Welsh Government (2017). *Cymraeg 2050. A million Welsh speakers*.

Varkevisser, N. A., & Walsweer, A.P. (2023). *It is mei sizzen net te dwaan. 1-mjitting primêr ûnderwiis*. Provinsje Fryslân.

Provinsje Fryslân (2023). *Bestjoersakkoart Oparbeidzje foar Fryslân 2023-2027*.

Provinsje Fryslân (2022). *Gearwurkingstrajekt Fryske Taal en Kultuer (GFTK): Contouren van een kennisagenda*.

Provinsje Fryslân (2021). *Taalplan Frysk 2030*.

Provinsje Fryslân (2019). *Nij Poadium. Kunst & cultuur, taal & onderwijs en erfgoed in Fryslân 2021-2024*.

Ramtferdrach foar de beskerming fan nasjonale minderheden. Straatsburg, 01-02-1995.

Rapport van de Taskforce Fryske Akademy (2019).

Kolofon

De Taalnota 2025-2028 'Fansels Frysk' is fêststeld yn de gearkomste fan Provinsjale Steaten fan Fryslân fan 19 juny 2024.

Opdrachtjouwer

Provinsje Fryslân
Tweebaksmarkt 52
8911 KZ Ljouwert
058 – 292 59 25
provincie@fryslan.frl

Fotografy

Bart Lindenhovius
Natalia Balanina
Fotobureau Hoge Noorden
Ypie Boersma
Leo Postma

Opmeitsjen en printsjen

Provinsje Fryslân

Ljouwert, maaie 2024